Wurkboek Frysk

Eigen feardigens
Stavering, tiidwurden en taaleigen

Neiskoalling

Lode Pemmelaar
Friese vlag

Tredde printinge
Septimber 2015

Ynhâldsopjefte

	side
Foaropwurd	4
Les 1	5
Húswurk les 1	9
Les 2	11
Húswurk les 2	14
Les 3	16
Húswurk les 3	20
Les 4	21
Húswurk les 4	26
Les 5	28
Húswurk les 5	34
Les 6	36
Húswurk les 6	41
Les 7	43
Húswurk les 7	47
Les 8	49
Húswurk les 8	54
Les 9 Proeftoets	55
Taheakke A It omgean mei it Frysk by skoallebern, Jeh. Ytsma	58
Taheakke B Ta de taalspegel, Pieter Breauker	61
Taheakke C Utspraakregels	72
Taheakke D Staveringsregels	77
Taheakke E List fan wurden dêr't faak flaters mei makke wurde	85
Taheakke F Tiidwurden	87
Taheakke G List mei taakkundige begripen	94

Foaropwurd

Dit wurkboek “Eigen feardigens’ is spesjaal makke foar learkrêften fan it basisûnderwiis dy’t harren foech Frysk helje wolle yn in neiskoallingstrajekt.
By it meitsjen fan dit boekje binne wy útgongen fan materiaal dat der al lei, benammen by de NHL. Fierders binne alle losse teksten dy’t yn it ferline by de kursus brûkt waarden, oan de haadtekst taheakke.

Doel fan de kursus is dat de kursist it skriuwen yn ‘e macht kriget en oan de ein fan de kursus in knap stikje yn geef Frysk skriuwe kin en brûke kin foar de Fryske lessen op skoalle en foar bygelyks de skoalkrante.

Yn alle lessen wurdt omtinken jûn oan stavering, tiidwurden, taalregels, taaleigen en ynterferinsjes. Nei in les komt in ûnderdiel húswurk. Wy geane der fan út dat de kursisten thús ek oefenje en har tariede op de folgjende les.

De gearstallers
Liskje Flapper, dosint Frysk NHL
Henk Wolf, dosint Frysk NHL
Sieta de Vries, dosint Frysk NHL en Stenden
Dussy Ybema, dosint Frysk Stenden

LES 1

I STAVERING

1. REGEL FAN F/V, S/Z, SJ/ZJ, FJ/VJ

Wannear in f, wannear in v, wannear s en wannear z? Lês de folgjende wurden ris goed troch:

- fûgel	- tillefyzje	- see	- raze
- faas	- suver	- soarch	- huzen
- fideo	- drave	- seagje	- hazze

Formulearje sels de algemiene regels foar de f / v, s / z en streekje de ferkearde letters fuort:
Oan it begjin fan in wurd nea f / v, mar altiten f / v.
Oan it begjin fan in wurd nea s / z, mar altiten s / z.

MAR: Midden yn in wurd kinne f / v, s / z wol foarkomme.

Foarbylden:……

De s, z, f en v komme yn it Frysk gauris foar yn kombinaasje mei in j: sj, zj, fj en vj.
Lês de folgjende wurden ris lûd foar:

- sjonge	- garaazje	- stasjon	stúdzje
- sjoernalist	- horloazje	- faasje	wachtsje
- sjen	- resjerzje	- sjekjes	
- ervje	- kofje	- andyvje	
- Skandinaavje	- ôfstofje	- fjoer	

Streekje de ferkearde letters fuort:

In Frysk wurd begjint wol mei sj / zj, fj / vj, mar net mei sj / zj, fj / vj.
Midden yn in wurd binne sj / zj, fj / vj wol mooglik.

Opmerking: de útgong –zje wurdt altyd brûkt nei in d (breidzje) en de útgong -sje nei in t (wachtsje). Utsûndering: ferlytsingswurden krije altyd de útgong -sje (paadsje, kaartsje)

Sjoch ek: www.henkwolf.nl/staveringsfilmkes: f/v, s/z

Oefening
Skriuw de ûndersteande sinnen oer. Folje yn op de puntsjes: ***s/ss, z/zz, f/ff, v/vv, vj/fj, zj/sj***

1. Op it ...trân by de Noard...ee dra...e ...ân bern de ...ee yn.
2. ...e roppe en ra...e as ...e in ...ee...ûgel ...jogge.
3. Wacht...je, ik moat di...e gri...e ...okken earst noch e...kes ...uortbringe.
4. De ar..itekt ..an dit gebou is Abe Bonnema.
5. Yn it ...jild ...ljocht in ha...e en ...eis lytse ha...kes huppelje ...leurich achter him oan.
6. Ik si... dochs dat ik dat ...wiete ...nobbersguod net opite wol.

7. ...y hat alle brie...en juster lê...en.

8. Klaske woe net antwurd...je op de ...raach oer dy drege wurd...jes.

2. LYTSE WURDSJES

Nederlânsk:	Frysk:	foarbylden:
het	it	it hûs, it famke. It reint. It leit op ‘e tafel.
er	der	Der stiet nijs yn ‘e krante. Wat is derfan wier?
hij / ie	er	Wêr wennet er? Ik tink dat er komt.
daar	dêr	Sjoch, dêr komt Syb! Dêr hienen wy it krekt oer!
een	in	in appel, in hûs, in kompjûter, in barchje
in	yn	yn de beker, yn Fryslân. Wat sit dêryn?
één	ien	Ien plus ien is twa. Ik sis it noch ien kear!
weer	wer	Dêr is de NHL wer! Pytsje is wer nei hûs ta.
waar	wêr	Wêr bisto? Jan wennet yn Grins, mar wêr presys?
terug	werom	Hy moatte hinnen dan ek wer werom. Moarn kom ik werom.
waarom	wêrom	Wêrom bist sa let? Ik wit net wêrom.

II TIIDWURDEN

Hokker soarten binne der?

Yn it Frysk hawwe de tiidwurden trije útgongen:
1. -e (bgl. knippe)
2. -je (bgl. helje)
3. -n (bgl. jaan)

De útgong -je bestiet yn it Nederlânsk net. Dêrom is it in kwestje fan faak hearren en lêzen om der oan te wennen hokker tiidwurden op -e binne en hokker op -je.

Dizze les giet oer de **swakke tiidwurden op -e (knippe) en op –je (helje)**. Se wurde sa ferbûgd:

Knippe	*notiid*	*doetiid*	*mulwurd*
Ik	knip	knipte	ha(w) knipt
Do	knipst	kniptest	hast knipt
Sy	knipt	knipte	hat knipt
Wy	knippe	knipten	ha(wwe) knipt
Helje			
Ik	helje	helle	ha helle
Do	hellest	hellest	hast helle
Sy	hellet	helle	hat helle
Wy	helje	hellen	hawwe helle

Nb. Krekt as **hy** geane: sy, hja, it
Krekt as **wy** geane: jimme, jo, sy, hja

Oefening. Folje de goede tiidwurdsfoarm yn

e-tiidwurden (sjoch nei knippe)

Krekt as ‘knippe’ geane tiidwurden as ‘stappe’, ‘plakke’, ‘sette’ en in hiel protte oaren. Folje earst de notiid en dan de doetiid en it mulwurd yn en doch dat oan ‘e hân fan it rychje ‘knippe’:

1. Stappe	Hy .... flink troch.	……..	……	…….
2. Bakke	De bakker .... bôle.	.....	……	……
3. Miene	Hy …. dat it feest jûn is.	……	……	…….
4. Naaie	Ik …. in knoop oan de jas.	……..	……	…….
5. Sette	Do .... it boek teplak.	……..	……	…….
6. Sile	It skip …. nei de see ta.	……..	……	…….

je-tiidwurden (sjoch nei helje)

1. Wurkje	Ik ..... de hiele dei.	…….	……	…….
2. Fervje	Hy …. it hûs.	……..	……	…….
3. Dûnsje	Ik .... graach in wals.	……..	……	…….
4. Hoopje	Do ..... op better waar.	……..	……	…….
5. Ploegje	Wy …. oer dy stien.	……..	……	…….

III TAALREGELS

De persoanlike foarnamwurden

By de boppesteande tiidwurden wurde ferskillende persoanlike foarnamwurden brûkt. Hjirûnder komt in oersjoch fan de persoanlike en besitlike foarnamwurden.

Persoanlik foar-namwurd Underwerpsfoarm	Persoanlik foarnamwurd Foarwerpsfoarm/ Wjersidich foarnamwurd	Besitlik foarnamwurd Eigenskiplik brûkt	Besitlik foarnamwurd Selsstannich brûkt
ik [ik ha in boek]	my [it boek fan my]	myn [myn boek]	minen(t)/mines [dat boek is minen(t)]
do[1]	dy	dyn	dinen(t)/dines
hy[2]	him	syn	sinen(t)/sines
sy[3]	har	har	harres
it	him	syn	sinen
wy	ús	ús[4]	uzes
jimme	jim(me)	jim(me)	jimmes
jo	jo	jo	jowes
sy	har(ren)	har(ren)	harres
men	jin	jins	jins

[1] As 'do' achter in tiidwurd of ferbiningswurd komt, dan ferdwynt de 'd' en wurdt de 'o' oan it tiidwurd of ferbiningswurd fêst skreaun. De 'o' kin ek hielendal ferdwine. Foarbylden: Hast(o) in broer? Ik kom wol asto dat graach wolst.

[2] As 'hy' achter in tiidwurd of ferbiningswurd komt, wurdt it meastal ferfongen troch 'er'. Allinne as it wurd klam kriget, bliuwt 'hy' stean.

[3] Yn boeketaal wurdt foar 'sy' ek wol it wurdsje 'hja' brûkt.

[4] ‘Us' wurdt yn it Frysk faker brûkt as yn it Nederlânsk. Do hast it altyd oer ús heit, mem, pake, muoike, ensfh. Ek asto iennichst bern bist. Ek by broers, susters, eigen bern hast it oer ús Jeltsje, ús Pyt, ensfh.

Opmerking:. Guon minsken binne yn it Frysk mei har funksje oan te sprekken, bgl. heit, mem, beppe. Dan wurdt net 'jo' of 'do' brûkt, mar bygelyks sein: ‘Mem, wol mem my efkes helpe?’

IV YNTERFERINSJES

Wat binne ynterferinsjes?
Neam 10 ynterferinsjes dy’t jimme yn it Frysk faak hearre.

V HANDIGE WEBSITES

www.taalweb.frl
www.praatmarfrysk.nl (û.o. praatmarfrysk-app)
www.wurdboek.nl
www.fluency.nl/frysk

Húswurk Les 1

Opdracht 1. Set de folgjende sinnen oer yn it Frysk

1. Vogels vliegen in de lucht.
2. Over vier of vijf dagen haal ik jou weer op.
3. Ik ben gek op andijvie en spinazie.
4. Wil je video of televisie kijken?
5. Ik ga met het vliegtuig op vakantie naar Zwitserland.
6. Zet de vaas met bloemen maar op tafel.
7. Hij verdient een speldje.
8. Peter werkt in een garage.
9. Ik zal het nakijken op de checklist.
10. In dat chique hotel moet je met eurocheques betalen.

Opdracht 2. Dagen en tiden

1. Skriuw de telwurden 1-20 yn it Frysk op. Hoe skriuwst 100 en 1000?
2. Skriuw de dagen fan de wike yn it Frysk op.
3. Skriuw de moannen fan it jier yn it Frysk op.
4. Skriuw de datum fan hjoed op mei de dei fan de wike en it jiertal.
5. Moarns / middeis / jûns / oerdeis / nachts. Hoe skriuwst dy wurden yn it Nederlânsk?
6. Wat binne de fjouwer tiden fan it jier yn it Frysk?

Opdracht 3. Meitsje ien fan de folgjende skriuwopdrachten

Situaasje 1: Dyn kollega is hjoed net op skoalle en do bist der moarn net. Do wolst har op ‘e hichte bringe fan wat der hjoed bard is. Skriuw in briefke foar har.

Situaasje 2: Der hat ien skille foar dyn kollega, mar dy wie op dat stuit net te berikken. Lit in briefke efter mei de folgjende gegevens:
- Namme fan de persoan dy’t skille hat
- Wat dy persoan woe
- Ofspraak foar fierdere ôfhanneling

Meitsje in Alfke: In alfke is in gedichtsje fan alve wurden en fiif rigels

Rigel 1: ien wurd
Rigel 2: twa wurden
Rigel 3: trije wurden
Rigel 4: fjouwer wurden
Rigel 5: ien wurd

It skriuwen fan in alfke kin hielendal frij litten wurde, mar kinst ek kieze foar in tema, bygelyks bisten, fakânsje, nije dingen, gefoelens. De ynhâld kinst frij litte of oan regels bine, bygelyks rigel 1: in bist (geit), rigel 2: eigenskip fan dat bist (wite gersiter), rigel 3: meidieling (do ytst tefolle), rigel 4: fraach oan dat bist (wêrom út myn tún?), rigel 5: slotwurd (ophoepelje). Kinst der ek in trochjou-alfke fan meitsje wêrby’t elk ien rigel skriuwt.

Opdracht 4. Skriuw fan de folgjende tiidwurden alle ferbûgingen op yn de notiid, doetiid en it mulwurd

leare, plakke, wenne, wenje, rekkenje, wachtsje

Opdracht 5. Folje it folgjende skema yn

Swakke tiidwurden op –e		Swakke tiidwurden op –je	
notiid	*doetiid*	*notiid*	*doetiid*
ik stam + …	ik stam + …/…	ik stam + …	ik stam + …
do stam + …	do stam + …/…	do stam + …	do stam + …
hy stam + …	hy stam + …/…	hy stam + …	hy stam + …
wy stam + …	wy stam + …/…	wy stam + …	wy stam + …
ik haw/bin stam + … /…		ik haw/bin stam + …/…	

Opdracht 6. Lês it artikel 'It omgean mei it Frysk by skoallebern' fan Jehannes Ytsma. (sjoch taheakke A, bledside 58)

Wat hat hy ûndersocht?
Wat binne de resultaten fan syn ûndersyk?

LES 2

I STAVERING

1. DE REGEL FAN G EN CH

Kagel, kaggel of kachel G, GG of CH?

REGEL Tink om it triljen fan dyn stimbannen!
Trilje de stimbannen, dan skriuwe wy in g, trilje se net dan skriuwe wy in ch.

De regel fan de g en de ch is yn prinsipe:

Oan it begjin fan in wurd altyd in g:	Goed, greide, gean, goed
Oan it begjin fan in wurdlid altyd in g:	Ar-gyf, bar-gje, brê-ge
Oan 'e ein fan in wurd altyd in ch:	Dreech, groulivich, graach
Foar –je by tiidwurden altyd in g:	seagje, bargje
Foar –je by ferlytsingswurden altyd ch:	seachje, barchje
Foar de letters s en t altiten ch:	do hoechst, hy bûcht, lykwicht
Foar de letter d altiten g:	deugd, freugde.

Einiget in wurd op –lik of –ber, dan skriuwe wy ch as yn it begjinstikje in tiidwurd sit. Is dat net sa, dan skriuwe wy in g: bûchber, ûndraachlik, mooglik.

Tink der om: De ch wurdt gg yn bich - biggen, mich - miggen, ik sjoch - wy sjogge.

Sjoch: www.henkwolf.nl/filmkes: g-klanken

Oefening. Folje yn g, gg of ch

1. Ik sjo..... gjin hân foar de ea.....en.
2. Sjo.....sto dy mi.....en tsjin dy he.....e muorre omhee..... klimmen?
3. De boer ploe.....et syn lân mei in ploe.....je.
4. Wat in aardi.....e jonge hasto útnû.....e.
5. Myn .....iele broek hin.....et by de ka.....el te drû.....jen.
6. In bi.....e is in lyts bar.....je.
7. It wie net moo.....lik om dy .....rouwe balke troch te sea.....jen.
8. De brê.....e bû.....de hast tro..... doe't dy fra.....twein deroer ried.

2. DE Q, CH, C, X

Oefening. Set oer yn it Nederlânsk:

kwis	……
sjips	……
sello	……
kanadees	……
ksylofoan	……

Oefening. Set oer yn it Frysk:

1. quotum	……
2. quartz	……
3. chauffeur	……
4. cholera	……
5. chinees	……
6. chemie	……
7. christen	……

8. chef ……
9. centrum ……
10. fax ……

Formulearje no sels de REGEL foar de q, ch, c, x:

……..

II TIIDWURDEN

It is lestich om goed te skriuwen ast de tiidwurden net goed witst. Lear dêrom de folgjende tiidwurden út de holle.

Wêze		
Ik bin	Ik wie	Ik ha west
Do bist	Do wiest	Do hast west
Hy is	Hy wie	Hy hat west
Wy binne	Wy wiene	Wy hawwe west
Hawwe		
Ik ha	Ik hie	Ik ha hân
Do hast	Do hiest	Do hast hân
Hy hat	Hy hie	Hy hat hân
Wy hawwe	Wy hiene	Wy hawwe hân
Wurde		
Ik wurd	Ik waard	Ik bin wurden
Do wurdst	Do waardst	Do bist wurden
Hy wurdt	Hy waard	Hy is wurden
Sy wurde	Sy waarden	Sy binne wurden

III TAALREGELS:

Lidwurden

Yn it Frysk en it Nederlânsk binne de lidwurden net altiten itselde. Benammen by lichemsdielen binne nochal wat ferskillen, mar ek by guon oare wurden.

<u>Frysk: it/ Nederlânsk: de</u>

it boadskip	de boodschap	it wang	de wang
it finsterbank	de vensterbank	it boarst	de borst
it fabryk	de fabriek	it skouder	de schouder
it sop	de soep	it ankel	de enkel
it slaad	de sla	it kin	de kin
it skaad	de schaduw	it burd	de baard
it laad	de la(de)		
it plak	de plaats, de plek		
it rút	de ruit		

<u>Frysk: de/ Nederlânsk: het</u>

de fôle	het veulen	de holle	het hoofd
de baarch	het varken	de skonk	het been
de knyn	het konijn	de bonke	het bot
de hikke	het hek		
de oere	het uur		
de mar	het meer		
de bosk	het bos		
de midden	het midden		
de ein	het einde		

IV YNTERFERINSJES

Besprek it artikel artikel ‘It omgean mei it Frysk by skoallebern’ fan Jehannes Ytsma.

Húswurk Les 2

Opdracht 1. Set oer en folje de ûntbrekkende wurden yn

1. Dêr (vlogen) ..... in pear blauwe (vliegen) …….. yn ‘e keamer.
2. Ik krige fan him in (cadeaubon) ……..
3. Myn buorman spilet (xylofoon) ……..
4. It is kâld, gau de (capuchon) ……... .. opdwaan.
5. Hy wurket by C1000 as (cassière) …….
1. Dy (champignons) ……..…. sjogge der prima út.
2. De (chimpansee) …….. sit yn it hok.
3. Jan (zaagt) ..... mei in (zaagje) ..... de latte troch.
4. De (quizleider) ……. wist sels it goede antwurd net.
5. Do (doet) ..... krekt oft dat (onmogelijk) ……..….. is.

Opdracht 2. Folje yn

Notiid	Doetiid	Notiid	Doetiid
Bûge		***Doge***	
Ik …….	Ik …….	Ik …….	Ik …….
Do …….	Do …….	Do …….	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy …….	Hy …….
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
	Ik ha …….		Ik ha …….
Freegje		***Hoege***	
Ik …….	Ik …….	Ik …….	Ik …….
Do …….	Do …….	Do …….	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy …….	Hy …….
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
	Ik ha …….		Ik ha …….

Opdracht 3: It liif en sûnens

Set de folgjende sinnen en wurden oer yn it Frysk

Het doet pijn
Ik heb hoofdpijn
Ik ben moe, slaperig
Het valt mee, tegen
Ademhalen
Het gaat erg slecht
Het gaat erg goed
De nagel van mijn duim

Set de folgjende sinnen en wurden oer yn it Nederlânsk

Ik ha in stikkene earm
Ik bin hielendal achter de pûst
Us mem is wat heal
Hy smûcht nochal
Sy hat in min sin
Doe’t wy it goede nijs hearden, wienen wy hielendal út ‘e skroeven fan blydskip
Eachteisters
Earmsholte

Opdracht 4. Folje yn: it, de of neat

1 … sinteklazeburd woe him net om … kin sitten bliuwe.
2. It wie …. lêste oere sa waarm, dat ik mar yn … skaad fan … beam sitten gien bin.

3. Ik seach … knyn dy't útnaaid wie, yn … bosk by … mar.
4. Heit makket earst … sop klear en wosk dêrnei … slaad by … oanrjocht.
5. Ik bin fallen en no ha ik lêst fan … skouder en … boarst.
6. Ast dêr by … finsterbank stiest, kinst troch … rüt … nije fabryk sjen.
7. …. doarpen … Drachten en … Hearrenfean binne folle grutter as … Jouwer en … Gerdyk.
8..… ankel sit boppe … foet.

Opdracht 5. Meitsje ien fan de folgjende skriuwopdrachten

De skoalle organisearret it sportdei en freget âlders om te helpen. Skriuw in briefke foar de âlders.

Skriuw in Haikû.
In haikû is in lyts gedichtsje fan 3 rigels. De earste rigel hat 5 wurdlidden, de twadde rigel 7 en de tredde rigel 5. Kies in frij ûnderwerp of praat op de les in ûnderwerp ôf.

Opdracht 6. Ynterferinsjes

Lês it stik 'Min en geef Frysk' fan Pieter Breuker. (sjoch taheakke B, bledside 61)
1. Yn it stik wurde seis ferskillende soarten ynterferinsjes neamd. Hokker binne dat en wat hâlde se yn? Neam fan elk in foarbyld.
2. Watfoar advys jout Breuker oan minsken dy't yn it ûnderwiis wurkje?

LES 3

I STAVERING

1. REGEL FAN DE I / II / Y / IE

	koart	lang	twalûd
Sletten wurdlid	Wyt	Wiid	Wiet
Iepen wurdlid	Wi-te	Wi-de	Wie-te

Taljochting:

De 'y' is koart en klinkt as de Ned. 'ie', bgl. yn 'fiets'.
Wy skriuwe de 'y' yn sletten wurdlidden (wyt, hy byt) en oan 'e ein fan in wurd (dy, sy). Op 'e ein fan in wurdlid skriuwe wy in 'i'.

De 'ii' is lang en klinkt as it Ingelske 'team'.
Wy skriuwe de 'ii' yn sletten wurdlidden (wiid).

As de lange 'ii' yn in iepen wurdlid stiet, dan skriuwe wy 'i' (wi-de, pi-ne, ti-den).

Sjoch: www.henkwolf.nl/filmkes: i/y

Oefening
Meitsje in útspraakkolom: fyts, bewiis, bline, lyts, bier, tiid, tydskrift, july, healwize, stien, hy die, hy siet

Klinkt as y fan wyt	Klinkt as ii fan wiid	Klinkt as ie fan wiet

2. DE REGEL FAN DE Û EN OE

* Hat it Nederlânsk in wurd dat sterk op it Fryske wurd liket mei in 'oe', dan skriuwst yn it Frysk ek in 'oe'. Foarbylden: boek, droech.
* Yn oare gefallen skriuwst in 'û', bygelyks hûs, bûge, pûde, slûch, kompjûter, rûte
* Foar in **'r'** altyd 'oe', bygelyks: foer (voer) of djoer (duur), sjoernalist
* It twalûd 'oe' wurdt altyd mei 'oe' skreaun. Foarbylden: ik ha dy sjoen.

Nb.
In oe-lûd yn de doetiid fan sterke tiidwurden wurdt yn it Frysk altyd mei 'oe' stavere. Utsein (behalve) as nei in oe-lûd in 'n' folget, bygelyks: 'ik rûn'.

Sjoch: www.henkwolf.nl/filmkes: oe

Oefening
Folje yn: 'oe' of 'û'. Lis by alle wurden út wêrom't dat de goede staveringswize is.

1. sl.....ch wêze
2. h.....ndertt.....zen
6. juster j.....ch er my in presintsje
7. in p.....de drop

3. kompj....ter
4. oertsj.....gje
5. ien .....re
8. in t.....rnoai
9. gr.....psopdrachten
10. in iism.....tse

Oefening
Ferklearje it ferskil yn û/oe stavering tusken:

1. slûch - sloech
2. broek - brûk
3. dûk - doek

II TIIDWURDEN

De measte tiidwurden yn it Frysk einigje op -e of –je. Der binne lykwols seis tiidwurden dy't einigje op in –n. Dat binne: gean, stean, dwaan, jaan, slaan en sjen.

Oefening. Folje yn

Notiid	Doetiid	Notiid	Doetiid
Gean		**Jaan**	
Ik gean	Ik gie/gong	Ik jou	Ik joech
Do …….	Do …….	Do ……	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy …….	Hy …….
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
Ik bin gien/gongen		ik ha jûn	
Stean		**Slaan**	
Ik stean	Ik stie	Ik slaan/slach	Ik sloech
Do …….	Do …….	Do …….	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy …….	Hy …….
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
Ik ha stien		ik ha slein	
Dwaan		**Sjen**	
Ik doch	Ik die	Ik sjoch	Ik seach
Do …….	Do …….	Do …….	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy ……..	Hy ……..
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
Ik ha dien		ik ha sjoen	

III. TAALREGEL

Meartalsfoarmen
Krekt as yn it Nederlânsk kinne de Fryske wurden yn it meartal'e(n)' of 's' krije.
Hjirûnder wurde allinne de meartalsfoarmen behannele dy't ôfwike fan it Nederlânsk.

A. <u>Unregelmjittige meartalsfoarmen</u>

man	manlju	skoech	skuon
frou	froulju	lears	learzens
timmerman	timmerlju	reed	redens
buorman/frou	buorlju	ko	kij
bern	bern	skiep	skiep
dei	dagen	âlder	âlden
wei	wegen		

B. Lûd bliuwt koart (wurdt yn 't Nederlânsk lang)

skip	skippen	gat	gatten
smid	smidden	dak	dakken
lid	lidden (=deksels)	slach	slaggen
slot	slotten	bedrach	bedraggen
lot	lotten	oarloch	oarloggen
skot	skotten		

C. Lang lûd wurdt koart

aa wurdt a yn:	laam	lammen	â wurdt a yn:	lân	lannen
	daam	dammen		hân	hannen
	faam	fammen	(â foar l bliuwt altyd â)		
	kaam	kammen	ô wurdt o yn:	rôt	rotten
	baarch	bargen	(ô foar l bliuwt altyd ô)		

D. Brekking (sjoch ek: Utspraakregels)
Wurden mei 'ie', 'ea', 'oa' en 'oe' kinne yn it meartal in lûdferoaring krije. Dy lûdferoaring wurdt brekking neamd.
Foarbylden:

beam	beammen (útspraak: bjemmen)
stien	stiennen (útspraak: stjinnen)
doar	doarren (útspraak: dwarren)
stoel	stuollen (útspraak: stwollen)

n.b. Net alle wurden mei 'ie', 'ea', 'oa' en 'oe' krije by meartal brekking.

E. Wurden dy't op -l einigje
Wurden mei mear wurdlidden dy't op in 'l' einigje krije yn it meartal altyd in 's'. Foarbylden: meubel - meubels.

F. Wurden dy't op -e einigje
Wurden dy't op in 'e' einigje krije meastal in 'n' yn 'e meartalsfoarm.

Foarbylden:	sykte	sykten	lampe	lampen
	gearkomste	gearkomsten	bôle	bôlen

Utsûnderingen:
* Ferlytsingsfoarmen en wurden dy't einigje op '-je: boekjes, berntsjes, garaazjes.
* De wurden: omke omkes muoike muoikes
jonge jonges famke famkes
(by 'pake/beppe' kin beide: paken/pakes - beppen/beppes)

G. Wurden dy't beide útgongen krije kinne:
* Wurden op '-ing'. Foarbyld: útfiering útfieringen/útfierings
nb. wurden op '-ling' krije altyd -en: learling learlingen
* Wurden op 'rm': earm earmen/earms

IV YNTERFERINSJES

Fonologyske ynterferinsjes

Fonologyske ynterferinsjes binne ynterferinsjes yn de útspraak fan de wurden.

Oefening. Jou oan oft de folgjende bewearingen wier binne of net wier

1. De Nederlânske wurden ‘minder’en ‘minst’ wurde beide op deselde manier útsprutsen as de Fryske wurden ‘minder’en ‘minst’.
2. De ‘a’ yn de Fryske wurden ‘kast’ en ‘lampe’ wurde op deselde manier útsprutsen.
3. De Fryske wurden foar ‘Groningen’ en ‘grens’ wurde op deselde manier útsprutsen.
4. De Fryske plaknammen ‘Stiens’en ‘Wyns’ rymje net op inoar.
5. De Fryske wurden ‘hok’ en ‘drok’ rymje op inoar.
6. It Fryske wurd ‘prins’ wurdt op deselde manier útsprutsen as it Nederlânske wurd ‘prins’.
7. De ‘a’ yn de Fryske wurden ‘(do) hast’ en ‘jas’ wurde op deselde manier útsprutsen.
8. De Fryske wurden ‘klasse’ en ‘oplosse’ rymje net op inoar.

Húswurk Les 3

Opdracht 1. Tiidwurden

Folje yn

Notiid	Doetiid	Notiid	Doetiid
Ite		***Stride***	
Ik …….	Ik …….	Ik …….	Ik …….
Do …….	Do …….	Do …….	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy …….	Hy …….
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
	Ik ha …….		Ik ha …….

Lykje		***Lige***	
Ik …….	Ik …….	Ik …….	Ik …….
Do …….	Do …….	Do …….	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy …….	Hy …….
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
	Ik ha …….		Ik ha …….

Opdracht 2. Iten en drinken: Set de folgjende wurden oer yn it Nederlânsk

moarnsbrochje	bôle	kowefleis	jirpels
neigesetsje	brea	hinnefleis	slaad
itensark	bakken	ljirre	pûltsjes
kop en pantsje	nútsjesmoar	sûpe	sipels
diggelguod	boerebûter	poeiermolke	jittik
tsjettel	rûgeltsjes	slachrjemme	apenuten
treppot	bôlefleis		

Opdracht 3. Jou de meartalsfoarmen fan de folgjende wurden

ko	jonge	jier	learling	baarch	pake
skip	frou	hân	skiep	ferslach	earm
laam	boek	skoech	dak	mooglikheid	skoalle
blomke	bern	dei	tafel	artikel	feriening
doar	faas	lears	stoel	timmerman	buro

Opdracht 4. Meitsje ien fan de folgjende skriuwopdrachten

Skriuw in stikje yn de skoalkrante oer in projekt dat jimme yn de klasse útfierd hawwe.

Meitsje in rondiel.
In rondiel is in gedichtsje fan 8 rigels. De earste, fjirde en sânde rigel binne itselde en ek de twadde en achtste rigel. It is it moaiste om de rigels rymje te litten, mar it hoecht net perfoarst.

Opdracht 5. Ynterferinsjes

Lês it stik oer útspraakregels (taheakke C, bledside 72) troch en skriuw 5 wichtige ferskillen yn de útspraak tusken Frysk en Nederlânsk op.

LES 4

I STAVERING

1. REGEL FAN DE W

Wannear skriuwe wy in saneamde oergongs-w? Mei oare wurden, wêrom is it 'blau' en 'blauwe'?

* NET in ‘w’ oan 'e ein fan in wurd (ik bou, frou, gebou) of oan 'e ein fan in wurdlid (ik leau-de);
* NET foar in bylûd (medeklinker - ik bin troud, hy hat boud),
* WOL tusken twa lûden (wy bouwe, wy trouwe, de blauwe auto)
* WOL yn de spesjale kombinaasje 'iuw': ik bliuw, hy bliuwt, Wiuwert.

NB. Oan it begjin fan in wurd wol gewoan ‘w’: wetter, wraak, wyn.

NB. Foar de stavering fan fan de au en ou binne gjin regels. De stavering fan it Frysk is krekt sa as yn it Nederlânsk.

Sjoch: www.henkwolf.nl/filmkes: oergongs w

Oefening. Set oer yn it Frysk

1. De hond is trouw. ……
2. De trouwe hond. ……
3. Een getrouwde vrouw. ……
4. De vrouw trouwt. ……
5. Een flauw licht. ……
6. Een blauwe kamer. ……
7. De mouw van die jas is blauw. ……
8. Geef mij maar vier. ……
9. De dikke man eet rauwe wortels ……
10. De bouwvakkers heben een huis gebouwd ……..

2. EO OF EU

En no de eo en de eu!
Yn 'e regel stiet eo foar in ‘n’ (freon) en eu foar in ‘r’ (kleur).

Dat betsjut lykwols net dat foar de ‘n’ nea eu stiet! Tink om de útspraak.

Set oer yn it Frysk

1. heel haastig gleonhastich
2. zaterdag …….
3. fleur …….
4. niet storen! …….
5. bekeuring …….

3. KAPKES EN STREEKJES

De â is fan âlde
dat kin ik ûnthâlde.
De ê stiet yn wêze
dat kin ik wol lêze.
De ô stiet yn bôle
dy ha ‘k ûnder kontrôle.
De û stiet yn lûke
dat wurd kin ik brûke.
De ú stiet yn rút
dêrmei is it út.

út: Skriuwtaal

De regel is:

		sletten wurdlid	iepen wurdlid
streekje	u	tún	tu-nen
kapke	û e o a	hûn bêd rôt sân	hû-nen bê-den bô-le râ-ne

* Op in haadletter komt gjin kapke of streekje.
* Nei in kapke krigest gjin ferdûbeling fan it bylûd.
* Soms wurdt op de 'e' in streekje setten om oan te jaan dat dy letter klam kriget, bygelyks yn oerémis.
* By in protte wurden dy't yn it grûnwurd in kapke hawwe, ferdwynt it kapke as it wurd langer makke wurdt. Dat is ek oan 'e útspraak te hearren.
Foarbyld: hân - hannen, bêd - bedsje.

ê: Foar in 'r' wurdt it kapke op de 'e' meastal fuortlitten, bygelyks yn bern, beferzen, stjer. Utsûnderingen dêrop binne: dêr, wêr en de ‘ê’ yn frjemde wurden.
â/ô: De útspraak fan beide lûden is gelyk.

Wannear wurdt der in ‘â’ en wannear in ‘ô’ skreaun?

â	**ô**
-foar lt/ld -foar in n	-foar in f -foar in k -foar in t -by doetiid sterke tiidwurden -tiidwurden einigjend op -gje

As it wurd net oan boppesteande kritearia foldocht, kinst noch sjen nei it Nederlânske wurd. Hat dat in 'a' dan wurdt it yn it Frysk 'â'. Hat dat wurd in 'o', dan wurdt it yn it Frysk 'ô'.

Sjoch: www.henkwolf.nl/filmkes: u/ú, dakjes

Oefening

Hân ûnder hannen
It wurdt 'hân' wurdt yn it meartal 'hannen'. Hoe komt dat? De útspraak is oars. It lûd yn hân is langer as yn hannen. Itselde jildt foar 'hantsje', 'hannelje' en 'handich'.
Skriuw fan de folgjende wurden it meartal en de ferlytsingsfoarm op en meitsje der in gearstalling of ôflieding fan.

bêd	bêd	.....	.....	.....
lân	lân	.....	.....	.....
fôle	rot	.....	.....	.....
brân	blêd	.....	.....	.....
bôle	strân	.....	.....	.....
stêd	fôle	.....	.....	.....

Er, der en dêr

Frysk	*Nederlânsk*
der	er
dêr	daar
er	hij

N.b. As wy 'er' skriuwe moatte en dochs in 'd' hearre litte wolle,wurdt dy yn de stavering net keppele oan 'er' mar oan it tiidwurd: hied er it sein? Soed er komme?

Besjoch de folgjende fjouwer sinnen en skriuw op wêr't de ferskillen sitte:
1. Der is net ien opdaagjen kaam. .....
2. Sjoch dêr, yn 'e fierte. .....
3. Ik wit net, wêr't er sit. .....
4. Hy komt aanst. .....

Besjoch de folgjende fjouwer sinnen en skriuw op wêr't de ferskillen sitte:
1. Wêr is it feest? ….
2. Ik wit net, wêr't it feest is ….
3. Dêr is it, leau 'k. ….
4. De tinte, dêr't it feest doe wie ….

Folje yn: 'der', 'dêr' of 'er'

1. Hat .... net om tocht dat …... komme soe?
2. 'Hjir en ..…. in bui' sei waarman Pyt Paulusma foar de radio.
3. Ik fyn ……... neat oan dat it hieltyd sok suterich waar is.
4. Wêr is myn map no wer? ..... ju, sjoch dan ek better!
5. Wie ..… ….. net? Nee, hy hie ..... gjin sin oan.

Folje yn: â of ô

1. Yn Damw...ld wennet in ...ld mantsje dat altyd op in prûmke k...get.
2. It f...ltsje stiet by it hynder op 'e st...l.
3. Hy wie der hielendal ...f en de triennen r...len him oer de wangen.
4. Hy h...ldt it grutte pak fêst dat Piter hjirhinne t...ge hat.
5. 'Spanje is it moaiste l...n fan 'e wr...ld' r...p Sjoukje, 'dêr is it teminsten net sa k...ld.

II TIIDWURDEN

Sterke tiidwurden sûnder 't' yn de notiid. It Frysk hat krekt as it Nederlânsk in tal tiidwurden dy't by de tredde persoan yn de notiid gjin 't' krije.

Oefening. **Folje yn**

Notiid	Doetiid	Notiid	Doetiid
Kinne		**Sille**	
Ik …….	Ik …….	Ik …….	Ik …….
Do …….	Do …….	Do …….	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy …….	Hy …….
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
Ik ha …….		Ik ha …….	
Moatte		**Wolle**	
Ik …….	Ik …….	Ik …….	Ik …….
Do …….	Do …….	Do …….	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy …….	Hy …….
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
Ik ha …….		Ik ha …….	
Meie		**Kenne**	
Ik …….	Ik …….	Ik …….	Ik …….
Do …….	Do …….	Do …….	Do …….
Hy …….	Hy …….	Hy …….	Hy …….
Wy …….	Wy …….	Wy …….	Wy …….
Ik ha …….		Ik ha …….	

III TAALREGEL

Regel fan de ferlytsingswurden

Yn it Frysk binne fjouwer ferlytsingsútgongen:

Utgong	Wurdein
-ke	**Lûd** (klinker), **b, p, m, r, s, w, f/ve** Foarbylden: bij - bijke, bear – bearke Utsûnderingen: wurden dy't op 'ou' einigje: frou -froutsje, tou – toutsje
-tsje	**n, l** Foarbylden: hûn - hûntsje, fûgel – fûgeltsje
-sje	**d, t** Foarbylden: paad - paadsje, kat - katsje Utsûnderingen: wurden op –st en -ft (sjoch by de opmerkingen)
-je	**ch**, **ge**, **k**, **ng**. Foarbylden: fisk - fiskje, baarch –barchje

Opmerkingen:

1. As it wurd útgiet op in 'e', dan bepaalt it foargeande bylûd (medeklinker) de ferlytsingsútgong. Foarbyld: hoanne - hoantsje, fôle - fôltsje.
   De útgong -ve feroaret yn -f, bygelyks: ferve - ferfke.
   -ge feroaret yn -ch, bygelyks: brêge - brechje.
   -zze feroaret yn -s, bygelyks: hazze - haske.
2. De útgong 'ng' feroaret yn 'nk', bygelyks: ring - rinkje.
3. It lange lûd wurdt yn it ferlytsingswurd faak ferkoarte.
   De aa wurdt a: bgl. laam - lamke, baarch - barchje.
   De ii wurdt y: bgl. priis - pryske.
   De ê wurdt e: bgl. stêd - stedsje.

De â wurdt a: bgl. lân - lantsje.
De ô wurdt o: bgl. rôt - rotsje.
n.b. net alle wurden mei dizze lûden krije ferkoarting by de ferlytsingsfoarmen.

4. By ie, ea, oa en oe kin der by de ferlytsingsfoarm brekking foarkomme.
   Foarbylden: beam - beamke doar - doarke
   stien - stientsje stoel - stuoltsje
5. As it wurd einiget op –st kin sawol de útgong -ke as -je brûkt wurde. De útgong -ke hat de foarkar, mar by feest kin allinne de -je-útgong. By de útgong –ft kin sawol de útgong -ke as -sje brûkt wurde.
   Foarbylden: nêst - nestke/nestje kast - kastke/kastje
6. It wurd 'faam' hat nêst 'famke' noch in oare ferlytsingsfoarm: 'fanke'. 'Fanke' klinkt wat foarser as famke en wurdt gauris (mar net altyd) negatyf brûkt.

IV YNTERFERINSJES

Morfologyske ynterferinsjes

Morfologyske ynterferinsjes binne ynterferinsjes yn de wurddielen fan in wurd, bygelyks yn de útgong fan tiidwurden, meartalsfoarmen en ferlytsingswurden.

Oefening. Helje de flaters út de ûndersteande sinnen:

1. Ik hoop dat ús mem moarn ek komt.
2. Dy lytse spikertsjes kin ik net goed sjen.
3. Der steane twa swarte skieppen op ‘e seedyk.
4. It jongetsje ried op it brommertsje nei de stêd ta om in wurdeboek te keapjen.
5. Acht bestjoer, hjirby stjoer ik jimme in pûde kolabeartsjes.
6. De frouwen spylden better as de mannen.
7. Soe se al in feesttinte regeld hawwe?
8. Yn it lântsje by it poeltsje fûnen wy in nêst mei fjouwer aitsjes.
9. Hy sakte troch it iis, lies ik yn de krant.

Húswurk Les 4

Opdracht 1. Stavering

Set oer

1. college van bestuur
2. examen
3. pauw
4. vakantie
5. ijzerdraad
6. kinderen
7. automonteur
8. vuurvreter
9. hartslag
10. wij zagen
11. controle
12. vliegen vliegen
13. wij zien
14. zand
15. apen
16. u bent
17. jullie zijn
18. jullie waren
19. wij geven
20. vertrouwd
21. vriend
22. veulen
23. bruggetje
24. best
25. dik
27. handen
28. er

Opdracht 2. Bisten

*Neam fan de ko, it hynder, it skiep, de baarch, de hin en de ein de manlike en froulike fariant en de namme fan it jong.

* *Set oer yn it Nederlânsk*

mosk	sweltsje	mich
protter	markol	neef
ljip	ljurk	ingeltsje
strânljip	ielreager	mychhimmel
skries	goes	ealjebij
earrebarre	hjerringslynder	stienkrobbe
wikel	lyster	flinter
ûle	spjocht	murd

Opdracht 3. Folje de ûntbrekkende ferlytsingswurden yn

Simmermoarn

Wat bisto leaflik,
Rizende simmermoarn
't Opgeande ..... (sinne)
laket my oan.
't ..... (hoanne) kraait: kûkelû!
't ..... (do) ropt: rûkûkû!
Ik wol ek sjonge,
Fleurich fan toan.

Alles wat libbet
Docht der no sines by:
..... (fôle:mt) en ..... (keal: mt),
Hynders en kij;
..... (goes: mt) dy snetterje
..... (skiep: mt) dy bletterje,
..... (laam: mt) dy springe,

't ..... (ljurk) yn 'e wolken,
'e ..... (ein: mt) yn 't lizich[5] wiet,
..... (mosk: mt) en ..... (swel: mt[6]),
Elts sjongt syn liet:
De ea'barren klapperje;
..... (ljip: mt) wjukwapperje;
Skries op 'e hikke,
Ropt: grito – griet!

'k Woe foar gjin euro
Dat 'k jit[7] te sliepen lei,
't Is my sa noflik,
Ier op 'e dei.
Protters dy tsjotterje,
De eksters dy skatterje,
Alles is fleurich:

[5] lisachtig
[6] Mt = meartal
[7] Nog (vergelijk Engels: yet)

Opdracht 4. Tiidwurden

Folje it skema yn

Persoan(en) en tiidwurd	**Notiid**	**Doetiid**	**Mulwurd**
Jimme (dwaan)	**Jimme dogge**	**Jimme diene(n)**	**Jimme hawwe dien**
1. Ik (sjen)			
2. Do (komme)			
3. Hy (wêze)			
4. Sy (wurde)			
5. It (wolle)			
6. Jo (kinne)			
7. Wy (dwaan)			
8. Jo (wêze)			
9. Do (moatte)			
10. Jimme (sjen)			

Meitsje ien fan de folgjende skriuwopdrachten

1. Dyn kollega hat in berntsje krigen. Skriuw in lokwinsk foar op in kaart.

2. De skoalle bestiet 100 jier en jimme organisearje in feest.
   Meitsje in útnoeging foar dat feest.

LES 5

I STAVERING

1. BREKKING

Jeltsje	Harke
sit op it pealtsje	sit achter it doarke
Bintsje	En it lytse bruorke
klimt op it stientsje	dûnset op it muorke

Brekking is de feroaring fan in twalûd as in wurd langer makke wurdt. Dat kin bygelyks as der fan in wurd in meartalsfoarm, ferlytsingswurd, in gearstald wurd of in ôflieding makke wurdt. Brekking komt allinne foar by de twalûden:

* ie * ea * oa * oe

De regel is:
De **ie** wurdt by brekking útsprutsen as **ji**, mar de skriuwwize bliuwt **ie**.
De **ea** wurdt by brekking útsprutsen as **je**, mar de skriuwwize bliuwt **ea**.
De **oa** wurdt by brekking útsprutsen as **wa**, mar de skriuwwize bliuwt **oa**.
De **oe** wurdt by brekking útsprutsen as **wo**, en wurdt mei **uo** skreaun.

foarbylden:				
	stien	stiennen	stientsje	stienkrobbe
	beam	beammen	beamke	beamwâl
	doar	doarren	doarke	
	stoel	stuollen	stuoltsje	stuolmatter

* By meartalsfoarmen wurdt it bylûd achter de brutsen foarm altyd ferdûbele.
* Ast by wurden mei de útspraak **ji** en **je** gjin grûnwurd mei **ie** en **ea** oanwize kinst, dan wurdt der wol **ji** en **je** skreaun, bygelyks strjitte, hjerst.

	stavering: grûnwurd en brekking		stavering: gjin grûnwurd
	net brutsen	al brutsen	brutsen
ie/ji	ie	ie	ji
ea/je	ea	ea	je
oa/wa	oa	oa	oa
oe/uo	oe	uo	uo

* It **oa/wa-lûd** wurdt mei **oa** skreaun, ek as der gjin grûnwurd mei **oa** oan te wizen is.
* De brutsen foarm fan **oe** wurdt altyd mei **uo** skreaun, ek as der gjin grûnwurd mei **oe** oan te wizen is.

Tink derom!
Net alle wurden mei **ie, ea, oa** en **oe** krije brekking.
Wol brekking: peal - peallen - pealtsje
Gjin brekking: bear - bearen - bearke

Der binne ek in tal wurden dy't yn it iene gefal wol en yn it oare gefal gjin brekking krije.
Bygelyks:
Gjin brekking: boer - boeren - boerke, mar de ôflieding 'buorkerij' wol!
Gjin brekking: keamer - keamers, mar it ferlytsingswurd 'keammerke' wol!

Tiidwurden:
By tiidwurden kinst net de regel fan de brekking tapasse. Dochs binne der in tal tiidwurden mei **ie** en **ea** dy't mei in brutsen foarm útsprutsen wurde.
It giet om de tiidwurden:
- gean (notiid: do giest, hy giet)
- stean (notiid: do stiest, hy stiet)
- hear(r)e
- fiel(l)e
- spiel(l)e
- sliepe (notiid: do sliepst, hy sliept, alle doetiidsfoarmen en mulwurd)

Dizze tiidwurden kinne mei en sûnder brutsen foarm útsprutsen wurde. De foarm dy't brûkt wurdt, hinget fan it plak yn Fryslân ôf.
By hear(r)e, fiel(l)e en spiel(l)e wurdt de net-brutsen foarm mei ien r of l skreaun.

De tiidwurden: **moatte**, **boartsje** en **boarje** wurde altyd mei brutsen foarm útsprutsen.

Lêste opmerking:
Der is ek noch in wurd dat brutsen útsprutsen wurde moat, mar dêr't wy it net oan sjen kinne. It is it wurd *leaver*, fan graach – leaver – leafst.

Sjoch ek: www.henkwolf.nl/filmkes > twalûden

Oefening. Jou it meartal, de ferlytsingsfoarm en as it kin in gearstalling/ ôflieding fan

Wurd	Meartal	Ferlytsingswurd	Gearstalling/ôflieding
jier			
roas			
foet			
earm			
doaze			
sleat			
kiel			
tean			
tried			
fear			
skoech			
ear			
keal			
doar			
boerd			
keamer			
toer			

Oefening. Folje yn: *ea/je, ie/ji, oe/uo, oa* en ferdûbelje it bylûd as dat nedich is

1. De tr.....nen rûnen him oer de wangen fan de k.....ld.
2. De grouwe b.....re fan ús b.....rman is juster op 'e str….te d.….riden.
3. Wy g.....ne teg.....re nei de ts…..rke yn it d.....rp.
4. Mei de fûle st..…rm fan .....rjuster binne ts.....n b.....mkes omwaaid.
5. De sk.…le krige in s.....d nij b…..rtersg.….d fan de b.....rgemaster.
6. Do m.…tst de leppels en f.....rken by de b.....rden lizze.
7. Yn 'e h.…rst wurde de b…...men h.....ltyd k.....ler.
8. Op de l.….der b.....re Jeltsje mei de b.....r in gat yn 'e m.....re.
9. Dy langtr.....derige ferhalen fan dy l.…raar d.....ren f.....rstente lang.

10. Yn myn sl.....p dr…..mde ik dat ik op 'e m.....ne …..n it k.....tsen w.……

II TIIDWURDEN

Tiidwurden mei lûdferoaring yn de notiid.
Yn it Frysk binne der in tal tiidwurden dy't yn de notiid by do en hy lûdferoaring krije

lizze		**sizze**	
ik lis	ik lei	ik	ik .....
do leist	do leist	do	do .....
hy leit	hy leit	hy	hy .....
wy lizze	wy leine(n)	wy	wy .....
ik haw lein		ik haw	

Oefening
Krekt sa as *lizze* giet ek it tiidwurd *sizze*. Folje de goede foarmen fan dat tiidwurd hjirboppe yn.

meitsje		**laitsje**	
ik meitsje	ik makke	ik	ik .....
do makkest	do makkest	do	do .....
hy makket	hy makke	hy	hy .....
wy meitsje	wy makken	wy	wy .....
ik haw makke		ik haw	

Oefening
Krekt sa as *meitsje* geane ek de tiidwurden *smeitsje* en *laitsje*. Laitsje kriget lykwols mar ien *k* by de ferbûgingen mei in *a* deryn. Folje de goede foarmen fan dat tiidwurd hjirboppe yn.

reitsje		**krije**	
ik reitsje	ik rekke	ik krij	ik krige
do rekkest	do rekkest	do krigest/krijst	do krigest
hy rekket	hy rekke	hy kriget/krijt	hy krige
wy reitsje	wy rekken	wy krije	wy krigen
ik haw rekke		ik haw krige(n)	

kleie		**feie**	
ik klei	ik klage	ik	ik .....
do klagest	do klagest	do	do .....
hy klaget	hy klage	hy	hy .....
wy kleie	wy klagen	wy	wy .....
ik haw klage		ik haw	

Oefening
Krekt sa as kleie geane ek de tiidwurden feie en jeie. Folje hjirboppe de goede foarmen fan it tiidwurd feie yn.

fleane

ik flean	ik fleach
do fljochst	do fleachst
hy fljocht	hy fleach
wy fleane	wy fleagen

ik haw flein

III TAALREGEL: FERHALDINGSWURDEN (VOORZETSELS)

Hjirûnder steane de meast foarkommende ferhâldingswurden:

by	achter/efter	foar	op	sûnt	ûnder	boppe
oant	tusken	yn	tsjin	te	oan	ta
oer	troch	fan	mei	lâns	nei	sûnder
út	neffens	del	ôf	bûten	om	
nêst/neist/njonken						

Oefening
Yn it Frysk en it Nederlânsk wurde net altiten deselde ferhâldingswurden brûkt. Set de folgjende wurden en sinnen oer yn it Nederlânsk.

Dat falt ta	Oan 'e knibbels ta
Dat falt ôf	Nettsjinsteande
Ik gean op bêd	Hy komt by de treppen del
Fan 't bêd (ôf) komme	Sin hawwe oan
Deryn komme	Komsto efkes ûnder/boppe?
Fiif kear yn 't jier	Nei ûnderen/boppen
Dêr komt it wol op del	Sy rint by it wetter lâns
Ik sjoch ta it rút út	It wetter rint ta de skuon út
Oant sjen	Dêr hast gelyk oan
Ik sykje om myn boek	Fan njoggen oere ôf
Om krysttiid hinne	Hy sit foar my oer
Yn ‘e hûs	Yn ‘e brân
Dêr kin ik net oer	Oer Ljouwert ride

IV YNTERFERINSJES

Semantyske ynterferinsjes
Semantyske ynterferinsjes binne ynterferinsjes yn de betsjutting fan it wurd. Sa makket it Frysk ûnderskie tusken ‘besykje’ en ‘probearje’: ‘probearje is ‘de proef nimme’ en ‘besykje’ is ‘neigean oft it ien of oar kin’. Yn it Nederlânsk is dêr mar ien wurd foar ‘proberen’. Dêrtroch meitsje in protte Friezen it ferskil yn it Frysk ek net mear en brûke se foar beide begripen it wurd ‘probearje’. Mei oare wurden: de betsjutting fan ‘probearje’ wurdt útwreide mei dy fan ‘besykje’.

Oefening. Ferbetterje de flaters

1. Wy wenje op in buorkerij ticht by it doarp.
2. Dat is slim betocht.
3. Doe’t de jonges him pleagen, waard Durk boas.
4. Hy kin net tsjin krityk.
5. Om tsien oere geane wy nei bêd.
6. Ik probearje op ‘e tiid te kommen.

7. No moatte jimme ris goed nei my hearre.
8. Dat docht pine, hear.
9. Ik ha sin yn ‘e fakânsje.
10. Der wiene folle minsken by it toanielstik.

DE TIIDWURDEN: GEAN, BLIUWE EN KOMME

De tiidwurden gean, bliuwe en komme kinne yn it Nederlânsk mei folle mear tiidwurden kombinearre wurde as yn it Frysk. Yn it Frysk binne mar in pear mooglikheden.

A. Gean
Yn it Nederlânsk komme sinnen foar lykas: Ik ga liggen. Het gaat regenen. Yn it Frysk kinst it tiidwurd gean lykwols allinne kombinearje mei de tiidwurden: lizze, sitte, stean en hingje. Bygelyks: Hy giet sitten.

Yn alle oare gefallen kin gean net sa brûkt wurde, mar moat gebrûk makke wurde fan oare mooglikheden.

1. Troch gean wei te litten. Bygelyks:
   Ik ga een kopje koffie zetten. - Ik set in bakje kofje.
2. Troch sille te brûken. Bygelyks:
   Zij gaan trouwen. - Sy sille trouwe.
3. Troch te yn te foegjen. Bygelyks:
   Ik ga fietsen. - Ik gean te fytsen.
4. Troch wolle te brûken. Bygelyks:
   Het gaat regenen. - It wol reine.
5. Troch begjinne te brûken. Bygelyks:
   Ik ga afwassen. - Ik begjin mei ôfwaskjen.

Noch twa opmerkingen.
Het gaat niet langer zo. - It kin sa net langer.
Hoe gaat het? - Hoe is it?

B. Bliuwe
Foar bliuwe jildt ek dat it mei de fjouwer niisneamde tiidwurden ferbûn wurde kin. Mar bliuwe kin ek ferbûn wurde mei de tiidwurden wenje, stykje/stekke/stûkje, plakke/kleve/klibje, bestean en driuwe. Bygelyks:
Wy bliuwe hjir wenjen. Wy bleaunen yn de snie stykjen.

By oare tiidwurden kin bliuwe net as helptiidwurd brûkt wurde, mar moatte oare konstruksjes betocht wurde.

1. Bliuwe fuortlitte Bygelyks:
   Ik blijf je helpen. - Ik help dy fierder.
2. Te, oan it of troch tafoegje. Bygelyks:
   Hij blijft nog een uurtje spelen. Hy bliuwt noch in oerke te boartsjen.
   Hy bliuwt noch in oerke oan it boartsjen.
   Hy boartet noch in oerke troch.
3. Hâldt (mar) oan tafoegje.
   Meast by 'waar' brûkt, bygelyks:
   Het blijft maar regenen. - It reinen hâldt mar oan.

C. Komme
Komme kin allinne as helptiidwurd brûkt wurde by ûnskiedbere tiidwurden fan rjochting. Bygelyks: It jonkje kaam de keamer ynstappen.

By oare tiidwurden moat in oare konstruksje brûkt wurde.

Te of om te tafoegje. Bygelyks.
Ik kom jou wel helpen. Ik kom wol om dy te helpen.

Oefening. Set de folgjende sinnen oer yn it Frysk

1. Hij gaat een nieuwe jas kopen.
2. Jij blijft toch eten als je komt.
3. Het blijft de hele dag vriezen.
4. Kom je morgen bij mij eten?
5. Blijf gerust nog eventjes zitten.
6. Het gaat straks weer regenen.
7. Ga je met me mee boodschappen doen?
8. Na het eten gingen zij fietsen.
9. Ik wil mijn hele leven in het buitenland blijven wonen.
10. Groep 5 gaat rekenen.
11. Hoe lang blijven jullie bij ons logeren?
12. Ik ga in mijn bed liggen en dan ga ik veertien dagen lezen.
13. Zij kwamen kijken hoe de nieuwe bank er uit zag.
14. Maaike blijft maar zeuren over een cavia.
15. We moesten dat eens gaan onderzoeken.

IV Húswurk Les 5

Opdracht 1. Brekking

En no …. meartal, ferlytsing en gearstalling

Wurd	Meartal	Ferlytsingswurd	Gearstalling, ôflieding
dream			
hier			
diel			
blier			
boar			
soan			
spoar			
boer			
fjoer			
goes			
broer			
koer			
hoed			
sleat			
peal			

Opdracht 2. Blommen en beammen: Set oer yn it Nederlânsk

koweblom
hynsteblom
fôltsjeblom
bûterblom
pinksterblom
skieppeblom
bargeblom
bûtergieltsje
tongerblom
brannettel
stikel
leppeltsjedief
sûchnettel

snieklokje/liderke
krookje
titelroas
hortinsje
beltsjeblom
koetsebei
toarnbeien
hagedoarn
pompeblêd
swanneblom
tuorrebout
knineblêd/tiksel
surk

iik
din
spjir
bjirk
wylch
flearebeam
linebeam
bûkebeam
esk
iperenbeam
nageltsjebeam

Opdracht 3. Folje it goede ferhâldingswurd yn

1. Ik gean ……. de fyts ……. skoalle ta.
2. Marike wachtet ……. it stasjon ……. de lêste trein.
3. Sytske stie ……. ‘e knibbels ……. yn it wetter.
4. Ik haw sin ……. de fakânsje.
5. Jan siet ……. de tafel ……. it rút út te sjen.
6. Giesto ek mei ……. de film?
7. It feest begjint ……. tsienen.
8. Sy stiet ……. it hûs, ……. de treppen de goaten te fervjen.
9. Henk siet ……. it restaurant ……. my ……. te iten. (tegenover mij)
10. De resepsje is ……. njoggen oere ……. (vanaf)
11. …….. krysttiid ……. leit der hiel faak snie. (omstreeks)
12. …….. myn spyt haw ik de les net leard.
13. It falt my ..... dat ik al safolle Fryske wurden út ‘e holle kin. (mee)

14.Ik kin moarns net sa goed .....'t bêd ..... komme.
15.Dyn guod leit ..... de treppen. (beneden).

Opdracht 4. Kies ien fan de trije skriuwopdrachten

1. Knip út de krante in stik dat dy op ien of oare wize oansprekt. Ljochtsje dyn kar yn 100 wurden ta.
2. Hokker programma op Omrop Fryslân sjochst wolris nei? Wat fynst derfan? Skriuw 100 wurden.
3. Skriuw in hyveskrabbel oan dyn freon(din), fertel hoe't it mei dy is en noegje him/har út om ris even wat gesellichs te dwaan tegearre (100 wurden).

Opdracht 5. Folje it ûntbrekkende tiidwurd yn

Tiidwurd	Notiid	Doetiid	Mulwurd
1.skriuwe	ik	ik	ik ha .....
2.meitsje	do	do	do hast .....
3.nimme	hy	hy	hy hat .....
4.waskje	wy	wy	wy hawwe .....
5.ite	jimme	jimme	jimme hawwe .....
6.winne	jo	jo	jo hawwe .....
7.itensiede	ik ..... it iten	ik ..... it iten	ik ha .....
8.hingje	hy	hy	hy hat .....

Oefening 6. Set ûndersteande sinnen út it Nederlânsk oer yn it Frysk

1. Moeder kwam kijken, of ik mijn huiswerk al had gemaakt.
2. Toen ik wilde gaan vissen, zag ik mijn hengel nergens.
3. In het weekend komt mijn neef bij ons logeren.
4. Als het dan maar niet zo lang blijft regenen als vandaag.
5. Het buurmeisje komt vanavond bij ons oppassen.
6. Om twaalf uur gaan wij eten.
7. Jullie moeten niet zo blijven zeuren, jongens.
8. Het gaat straks vast regenen, de lucht betrekt.
9. De kinderen blijven buiten spelen, ook al gaat het vriezen.
10. Wij blijven doorgaan, wat men ook van ons zegt.
11. Hij kwam hard aanlopen, toen hij mij zag.
12. Ga je werk eerst goed nakijken voor je het inlevert.
13. Na schooltijd gingen de kinderen schaatsen op de ijsbaan.
14. Hij vroeg mij, hoe lang het nog zou duren, voordat ik kwam.
15. Ik ga maar wat zitten lezen.

LES 6

I STAVERING

1. AI/EI/IJ/Y

Krekt as yn it Nederlânsk hat it Frysk in ei en in ij.
Yn de Wâlden wurde beide gelyk útsprutsen as [ei]. Op de Klaai wurdt de ei útsprutsen as [oi] of [ai] en de ij as [ei].

Immen út de Wâlden sil de wurden ‘nei’ (naar) en ’nij ’ (nieuw) gelyk útsprekke, in Klaaiker docht dat net. Wy skriuwe meastal ei as de Klaaiker [oi] seit en de Wâldpyk [ei]. As dat net sa is, dan meast in ij.

Probearje mar ris út:
Wein, seine, rein, slein, neil, hikke en tein.
Utsûnderingen: As it in ferkoarting is fan in wurd mei in aai: kaike (fan kaai), aike (fan aai), baitsje (baai) As it in frjemd wurd is: mais.
Of by: laitsje, laits, maits, skraits.
Tink om: de wurden hy, sy, wy, dy, by.
Wurden mei aai (foarbyld, in *Klaaiklút*).

Wat is it ferskil tusken **nei, nij** en **naai**?
Wat is it ferskil tusken **mei, my, mije** en **maaie**?
Wat is it ferskil tusken **bei**, **by, bij** en **baai?**

Oefening: Set oer yn it Frysk

Vrij	----------
Draaien	----------
Pap	----------
Het sneeuwt	----------
Nieuw	----------
Het regent	----------
Nagel	----------
Dag	----------
Deeg	----------
Zomersproeten	----------
Kleden	----------
Klagen	----------
Ik mag mee	----------
Nieuwjaarsmorgen	----------
Driesprong	----------

2. LANGE LUDEN FOAR IN R

De regel fan de lange lûden foar in ‘r’ is:

Foar de ‘r’ noait in lang ienlûd, allinne mar in koart ienlûd of in twalûd. Dat kinst ek sjen yn 'e skriuwwize fan wurden mei in ‘r’. Foar in 'r' komme gjin dûbele lûden foar, allinne in dûbele 'a' (aa) wol.

noait foar in r	wol twalûd foar in r
ee ii oo ú	ea ie oa ue oe

Oefening: **Folje yn: ee/ea, ii/ie, oo/oa, ú/ue, û/oe**

1. Yn it drokke ferk....r m....tst g....d stj....re, want ....rs komt it op 'e kop ferk….rd.
2. It w…. in h....le t....r om ….nder dy nat....rkuier it krekte sp….r te finen.
3. Hy sl....ch in nuver fig....r, d....'t er op it sjongk….r twa n....ten te h....ch song.
4. Om ts….n ….re j....ns w.... sy net langer m....r f....r de t....ts l....re.
5. Ik h....pje dat ik m....rn yn it b….rtsintrum sw….te en s....re s....rtsjes útd....le mei.

II TIIDWURDEN

Krekt as it Nederlânsk hat it Frysk ek in protte sterke tiidwurden. Sjoch foar de ferskate groepen it tiidwurde-oersjoch (taheakke F).

Oefening. Folje de goede tiidwurdsfoarmen yn

	Notiid	**Doetiid**	**Mulwurd**
bergje	ik	ik	ik ha
fine	do	do	do hast
leze	hy	hy	hy hat
brekke	wy	wy	wy hawwe
bite	jimme	jimme	jimme hawwe
bringe	ik	ik	ik ha
sykje	do	do	do hast
bliuwe	hy	hy	hy is
lûke	wy	wy	wy hawwe
komme	jo	jo	jo binne

III TAALREGEL

1. Betreklike foarnamwurden
Betreklike foarnamwurden binne wurden dy't tebekwize nei in wurd of in sin. Yn it Frysk meitsje wy gebrûk fan fjouwer betreklike foarnamwurden. It binne: dy't, dat, wa't en wat. Yn it Nederlânsk komme se oerien mei: die, dat, wie en wat.

Dy't wurdt brûkt by de-wurden. Bygelyks: De man dy't dêr rint, is ús heit.
Dat wurdt brûkt by it-wurden. Bygelyks: It boek, dat ik lêzen ha, leit dêr.
Wa't wurdt brûkt nei in ferhâldingswurd. Bygelyks: De man fan wa't ik dat hearde, seit net de wierheid.
Wat wurdt brûkt nei in hiele sin. Bygelyks: Hy is slagge foar syn eksamen, wat my neat ôffoel.

Dy't en wa't binne foarmen mei in 't. Tink derom dat jimme dy foarmen net ferwikselje mei it oanwizende foarnamwurd dy en it freegjende foarnamwurd wa.

A: **Yn de sintsjes wurde hieltyd twa mooglikheden jûn. Understreekje de goede foarm.**
1. De stuollen, dy't/dat ik by de tafel setten ha, binne read.
2. It kastke, dy't/dat yn 'e hoeke stiet, ha ik fan ús mem krigen.
3. De kat is fuortrûn, wa't/wat ik wol tocht hie.
4. Sytske, foar wa't/wat ik ynfallen ha, is no wer better.

B: **Set de wurden tusken heakjes oer yn it Frysk.**
1. De frou (die) ..... de lessen jout, is siik.
2. Freegje it mar oan (die) ..... man.
3. (Wie) ..... wit de antwurden noch?
4. De minsken (die) ..... dat dogge, moatte it sels mar witte.
5. (Wie) ..... it kin, mei it sels dwaan.
6. (Die) ..... jonge hat it net foarlêzen.
7. Oan (wie) ..... sil ik dizze fraach ris stelle?
8. Foar (wie) ..... net kofje mei, is der tee.

2. Oanwizende foarnamwurden
De meast foarkommende oanwizende foarnamwurden binne: dizze, dy, dit en dat. It gebrûk is sa:
- foar 'de'-wurden: dizze (tichtby) en dy (fierder fuort).
- foar 'it'-wurden: dit (tichtby) en dat (fierder fuort).

Dy en dat wurde yn it Frysk faker brûkt as die en dat yn it Nederlânsk. As in oanwizend foarnamwurd yn it Frysk weromslacht op dat wat krekt earder neamd is, dan wurde dy en dat brûkt. Bygelyks: Sleat is in lyts stedsje. Dat hat men yn in healoere wol besjoen.
Oare foarmen fan oanwizende foarnamwurden binne:

itselde	inselde
ditselde	datselde

Opmerkingen:
- Dat wat oer dy en dat sein is, jildt ek foar dêr en hjir. As it wurd weromslacht op in foarôfgeand wurd dan wurdt dêr brûkt en net hjir.
- As oanwizend foarnamwurd falt ek te neamen in kombinaasje as 'Jan-en-dy'.
- Foarmen lykas sa'n, sok, soks en sokssawat falle ek ûnder de oanwizende foarnamwurden. By sok is der bûging mooglik.
Bygelyks: Sokke minsken hawwe dat faker dien. Sokken witte der in protte fan.

Understreekje de goede foarmen.
1. Dêr fytst Minke ek wer. Dat/Dit is dochs sa'n aardige frou.
2. Yn dy/dizze les giet it om oanwizende foarnamwurden.
3. Wy wenje hjir/dêr al wer tsien jier.
4. Dat/Dit hûs, dêr't wy no foar steane, sil ferboud wurde.
5. Ljouwert is in moaie sted. Yn dy/dizze stêd kinst prachtich kuierje.
6. Wy hawwe noch net bûtenlânsk jild. Hjir/Dêr moatte wy gau achteroan.

3. Bynwurden
Bynwurden komme yn alle (Germaanske) talen foar en tsjinje om wurden, wurdgroepen of sinnen oan inoar te ferbinen. De wichtichste binne hjirûnder opnommen en foarsjoen fan opmerkingen.

Dêr't en wêr't
dêr't - It doarpke, dêr't ik berne bin.

wêr't - Hy frege my, wêr't ik weikaam.

Opmerkingen
- Wy brûke dêr't as it weromslacht op dat wat al neamd is. As it net weromslacht op wat al neamd is brûke wy wêr't.
- As dêr't en wêr't kombinearre wurde mei in ferhâldingswurd, dan wurdt dat ferhâldingswurd hast noait oan dêr/wêr fêst skreaun sa as yn it Nederlânsk, mar komt it fierder op yn de sin te stean.
Ferlykje: De vraag, waarmee hy de les begon .....
De fraach, dêr't er de les mei begûn ....
De juf vroeg, waarvoor ik dat boek moest gebruiken.
De juf frege, wêr't ik dat boek foar brûke moast.

Of, oft en as
De bynwurden of, oft, en as wurde faak trochinoar helle. Dêrom sette wy se even op in rychje:

of: Brûke wy foar it Nederlânske of. It ferbynt twa haadsinnen of twa lykweardige wurden. Hy giet fuort of hy komt thús.
oft: Brûke wy foar it Nederlânske of. It ferbynt in haad- en in bysin (by in fraach of by twifel). Sy frege my, oft ik it dwaan woe.
as: Brûke wy foar it Nederlânske als. Do krijst iten as it tiid is, no net.

Oare bynwurden

en	oant	trochdat (troch't)	doe't	wylst
mar	sûnt	meidat (mei't)	no't	
noch	omdat (om't)	foardat (foar't)	nei't	
al	sadat (sa't)	(al)hoewol't	ear't	
dat	lykas (sa't)	wannear't	hoe't	

Opmerkingen: De losse ferbinings-t ferfalt by de twadde persoan inkeltal.
Bygelyks: Doesto kaamst, wie er krekt fuort. Ik wit net, wêrsto hinne wolst.

A: **Folje yn it ûndersteande leske dêr't of wêr't yn**

1. Ik wit net ..... sy dat ferhaal wei hat.
2. It wurk ..... er mei begûn is, moat er ek ôfmeitsje.
3. ..... dy man ek oer praat, ik leau him net.
4. De ynstânsje, ... wy it no oer ha, bestiet net mear.
5. Witsto ..... ik myn jas dellein ha?

B: **Folje yn it ûndersteande leske of, oft of as yn**

1. It is ûndúdlik ..... sy dêr in fêste oanstelling hat.
2. Wolsto dat jûn dwaan ..... moarntejûn?
3. ..... elk sitten giet, kinne wy begjinne.
4. Sy frege ..... ik mei nei de foarljochtingsjûn gong.
5. ..... it moarn moai waar is, geane wy op 'e fyts.

C. **Set ûndersteande sintsjes oer yn goed Frysk**

1. Het is net alsof we steeds later beginnen.
2. Nu iedereen zit, wil ik even wat zeggen.
3. Zoals het er nu voorstaat, lukt het wel om het werk op tijd klaar te krijgen.
4. Het feestje ging niet door, omdat er voetbal op t.v. was.
5. Toen jij geld haalde, heb ik moeten wachten.

IV YNTERFERINSJES

Syntaktyske ynterferinsjes
Syntaktyske ynterferinsjes binne ynterferinsjes yn de folchoarder fan de wurden yn in sin. As wy yn it Frysk in sin hawwe lykas: 'Ik haw de fûgel sjongen heard' en wy sette dy oer yn it Nederlânsk mei 'Ik heb de vogel horen zingen' dan sjogge wy as ferskil:

1. 'heard' is in mulwurd en 'horen' is de net-bûgde foarm fan it tiidwurd.
2. de folchoarder fan de tiidwurden 'sjongen heard' is 'horen zingen' wurden.

Dat ferskil yn tiidwurdsfolchoarder mei it Nederlânsk komt gauris foar en jout faak oanlieding ta ynterferinsjes, d.w.s. yn 't Frysk wurdt dan ek de Nederlânske folchoarder oanholden.
In foarbyld:
Hy frege my, oft ik him helpe woe, wurdt soms: Hy frege my, oft ik him woe helpe. It Nederlânske *Hij vroeg mij, of ik hem wou helpen* beynfloedet dan de Fryske sin.

Regel yn it Frysk by mear tiidwurden efter inoar is: **earst it wichtichste tiidwurd, dêrnei it ien nei wichtichste, ensafuorthinne.** De minder wichtige helptiidwurden, sa as kinne, sille, wolle, hawwe, wêze, wurde komme dêrtroch faak efteroan.

Oare foarmen fan syntaktyske ynterferinsjes.
1.It wurdsje 'ek' wurdt as it heal kin yn it Frysk net oan it begjin of de ein fan in sin brûkt.
2.It plak fan it wurdsje 'hjir' is oars as yn it Nederlânsk yn in sin sa as: Kom hjir ris. Yn it Nederlânsk brûkst de lêste twa wurden krekt oarsom: Kom eens hier.
3.It ferhâldingswurd 'lâns' wurdt yn it Frysk meastal yn kombinaasje mei in haadwurd efter it haadwurd set, soms mei 'by' derfoar. Foarbyld: By de wei lâns.
4.Yn it Nederlânsk wurdt nei in ferhâldingswurd (voorzetsel) gauris gjin lidwurd brûkt, wylst dat yn it Frysk wol bart. Foarbyld: 'vanmorgen" is yn it Frysk 'fan 'e moarn', 'opnieuw' wurdt 'op 'en nij', 'in brand' wurdt 'yn 'e brân'.

Oefening. Yn de ûndersteande sinnen sitte flaters yn 'e folchoarder of it plak fan de tiidwurden of oare wurden. Meitsje fan de sinnen goede sinnen.

Hy sei, dat er de boadskippen fan 'e middei soe helje.
It is wol wis dat hy in rede sil hâlde.
Hja seach om har hinne, wêr't hja de skjirre hie lizze litten.
By de brike setten fan de lytse jonge koene de minsken net litte om te laitsjen.
Ik soe wol wolle begjinne, mar de oaren binne der noch net.
Moarn sil ik jo wol kinne sizze, oft ús reis trochgiet.
Ik haw it mar litte gewurde.
Ek de lêste ljippen binne no nei it suden ôfset.
Wy hawwe de lêste blommen yn 'e tún litte stean.
Heit sei, dat Jan it net wer moast dwaan.
Lâns de sânreed fjouweren de ruters.
De beammen steane lâns de feart.
Jimme moatte allegearre mar gean sitten, sei ús gasthear.

Set oer
Hij verdient ruim € 2.000,- per maand.
Wij gingen naar binnen, toen het begon te regenen.
Het duurde lang voor ik in slaap viel.
De jongen was helemaal van streek, toen zijn fiets gestolen was.
Ga een wat opzij, je kunt er zo niet langs.

Húswurk Les 6

Opdracht 1. Set de Nederlânske wurden yn it Frysk oer

1. deeg	De bakker brûkt .....
2. sleuteltje	Wêr is it .....?
3. schatten	Ik r… it tal minsken op ûngefear achttjin
4. schroeiplek In …..	
5. bodem	De ….. fan de put
6. mooi	Het …. boek.
7. spijten	It m…. my tige.
8. proeven	Ik …. sâlt.
9. schrijven	Ik …. him ferline wike in lange brief.
10. vriend	Myn …. Leo.
11. leeuw	In … is de kening ûnder de bisten.
12. kunst	Dat is de ….
13. beurs	Heit, wêr is myn ….?
14. strooien	Wy …. mei jild.
15. zaterdag	Ofrûne ….

Opdracht 2. Waar. Set oer yn it Nederlânsk

Sinneskynwaar	it is near	it is brodzich
Swier waar	wjerljochtsje	tongerje
Storein	it miggelet	in snjitter
It spielt	it eazet	delslach
De froast	it is teiwaar	de wyn hellet oan
It is rûzich	in twirre	in koeltsje
In wynpûst	de dize	it is skier
In berûne loft	in kleare loft	

Opdracht 3. Folje it ûntbrekkende tiidwurd yn

1. reine	**it reint**	**it reinde**	**it hat reind**
2.	it snijt		
3.		it hagele	
4.			it hat ferzen
5.	it izelet		
6.		it teide	
7.			it hat tongere
8. wjerljochtsje			

Opdracht 4. Kies ien fan de folgjende skriuwopdrachten

1.Set in Nederlânske brief of in oare tekst dyst brûkt hast yn dyn wurk oer yn it Frysk.
2.Skriuw in brief of stik yn de skoalgids oer it Frysk by jimme op skoalle. Jou oan wat jimme oan Frysk dogge en wêrom't jimme dat fan belang fine.

Opdracht 5. Set de folgjende sinnen yn de goede foarm en folchoarder

1. Wy wiene efkes ……. …….. (bliuwe, stean).
2. Ik koe him dúdlik ……. ……. (hearre, sykhelje).
3. Soesto dat dêr efkes ……. ……. (ferbetterje, wolle)?
4. Wy hiene better op dat plak ……. ……. ……. (bliuwe, kinne, stean).

5. Wy moasten mar ris ……. ……. (komme, sjen).
6. Ik miende dat ik dêr ……. ……. ……. ……. (bliuwe, hawwe, moatte, sille).
7. Hy sil dêr grif ……. ……. ……. (bliuwe, wenje, wolle).
8. Ik wit net oft dy dyk noch ……. ……. ……. (oanlizze, sille, wurde).
9. Do hiest him ris ……. ……. ……. (hearre, moatte, sjonge).
10. Om in doelpunt ……. ……. (kinne, meitsje), ……. (moatte) do hurd ……. (drave, kinne).

LES 7

I STAVERING

1. DE TUSKEN -N

Regel: It Frysk hat gjin tusken-n.

Elts ken fansels de swierrichheden mei de saneamde tusken-n yn it Nederlânsk, lykas: *paardenstal* foar *paardebloem* oer, *ruggespraak* en *ruggengraat*, ensafuorthinne. Dat is in drege regel, dy't gearhinget mei de meartallen op –n.
Yn it Frysk hawwe wy dy swierrichheid net. Wy kinne dêr hiel koart oer wêze: yn soksoarte gearstallingen krije wy yn it Frysk altiten en allinnich mar in -e- en dus noait -en-.

Oefening. Meitsje gearstallingen fan de folgjende wurden

boek + kast	= …….	krante + besoarger	= …….
brief + bus	= …….	sike + hûs	= …….
pinne + bakje	= …….	bern + spultsje	= …….
tosk + dokter	= …….	hûn + hok	= …….
bist + boel	= …….	keal + poat	= …….

In pear fragen:

Wat wurdt: hynder + stâl?
Wat wurdt: boart(sje) + guod?
Wat wurdt: ite + tiid?
Wat wurdt: doarp + strjitte?
Wat wurdt: beam + wâl?
Wat wurdt: skoalle + plein?
Wêrom stiet der yn *linnenguod* wol in n?

Opmerking
Ut de fragen hjirboppe kin dúdlik wurde dat it Frysk by gearstallingen bytiden wol tuskenletters hat, lykas –ers- en –s-. Mar dy binne as regel ek gewoan oan de útspraak te hearren (allinnich by de –s- is it efkes útsjen as it wurd derachter ek mei in s begjint, mar ferlykje mar: *doarpsstrjitte* mei *doarpsplein*).
It giet der by dizze regel om dat it Frysk dy tusken-n net hat.

2. DE D'S EN T'S

De regel is:
* Midden yn in wurd sa min mooglik d's en t's brûke. As it om de útspraak kin ien 't' of 'd'.
* Ein wurd: ast it wurd langer makkest en hearst dan in 'd', dan skriuwst yn it koarte wurd ek in 'd' (bygelyks: paad -paden). Ast in 't' hearst, dan skriuwst yn it koarte wurd ek in 't' (bygelyks: kaart - kaarten).
* By tiidwurden tredde persoan notiid: stam + t (krekt as yn it Nederlânsk). Dêrtroch kinst ek 'dt' krije, bygelyks hy wurd+t = wurdt.

Oefening. Folje yn: d/dd, t/tt, dt

1. Mi...en yn 'e nach... waar... er wekker.
2. Sy an...wur...e dat se har fersin... hie.

3. Har an...wur... bie... nije mooglikhe...en.
4. Us omke brei...e in ka...oenen fes....
5. It âl...e baaske wur... hur... knip... en skear....

FRJEMDE WURDEN

Yn de lêste twa lessen noch wat omtinken foar de stavering fan frjemde wurden yn it Frysk. Yn it algemien jildt dat wy de frjemde wurden sa skriuwe sa as se útsprutsen wurde en neffens de Fryske staveringsregels. Ofwikingen dêrfan wurde yn de neikommende lessen behannele.

3. DE REGEL FAN EA/E, OA/O, EU/U

Mei klam: **ea**, **oa**, **ue**
Sûnder klam: **e**, **o**, **u**.

foarbylden: Amearika - Amerikaansk , symboal-symbolyk, kultuer-kultureel

Oefening
Folje yn: ea, oa, ue, e, o, u:

1. Kees en Grytsje soene mei de fl.....nmasine nei Am.....rika.
2. Kees naam .....rst tillef.....nysk kontakt op mei it reisb.....ro.
3. Grytsje hie in s.....d niget .....n 'e âlde kult.....ren fan 'e Am.....rikaanske folken.
4. Sy hie der in s.....rieuze stúdzje fan makke.
5. Kees wie m.....r in avent.....rier.
6. De Feriene St.....ten fan Am....rika wiene sadwaande o sa geskikt om hinne te g....n.
7. Nei de Yndianen ta, like Kees wol avent.....rlik en Grytsje koe de serem.....njes en symb.....len fan de Yndiaanske kult.....r bestud.....rje.
8. Benammen de symb....lyk, dy't de Yndianen yn harren t....temp...llen brûkten, fûn se tige nijsgjirrich.
9. Nei sa'n Am.....rikaanske reis, woe Kees in .....r jier wolris nei Sib.....rje ta.
10. It wie in harm.....nysk houlik, dat tusken Kees en Grytsje.

út: A-boek fan de AFUK

3. DE REGEL FAN DE STOMME H

De stomme **h** wurdt weilitten: allinne yn thús bliuwt er stean.
Foarbylden: tema, teory.

Oefening
Betink noch fjouwer wurden dy't yn it Nederlânsk 'th' hawwe en yn it Frysk in 't':
1. ..... 3. ……..
2. ..... 4. ……..

Oefening
Hoe skriuwst de folgjende wurden yn it Frysk?

sympathie	theater	ether
ethiek	authentiek	mediatheek

4. DE REGEL FAN –ENT EN –ENS

De Nederlânske letterkombinaasjes **-ent** en **-ens** wurde yn 't Frysk mei **-int** en **-ins** skreaun as se mei in **i** útsprutsen wurde.

Foarbylden: sintraal, studint, presinsje, kondins.

Utsûnderingen op dizze regel binne: kommentaar, identyk, dentaal, fentyl en fentilaasje.

Oefening. Skriuw de folgjende wurden yn it Frysk

patiënt	.....	cliënt	.....
president	.....	intentie	.....
centrum	.....	consequent	.....
telelens	.....	absent	.....
concurrent	.....	cent	.....
cement	.....	immens	.....

II TIIDWURDEN

Folje de goede tiidwurdsfoarmen yn

	Notiid	Doetiid	Mulwurd
begjinne	ik	ik	ik bin
strike	do	do	do hast
glide	hy	hy	hy is
sitte	wy	wy	wy hawwe
hingje	jimme	jimme	jimme hawwe
sjonge	ik	ik	ik ha
ferjitte	do	do	do hast
triuwe	hy	hy	hy hat
rûke	wy	wy	wy hawwe
hâlde	jo	jo	jo hawwe

III TAALREGEL: GRAADBUGING

By graadbûging wurde yn it Frysk deselde útgongen brûkt as yn it Nederlânsk.
Fergrutsjende trep: -er, bgl. grutter
Oertreffende trep: -st, bgl. grutst

Opmerkingen:
- By de fergrutsjende trep mei der in **d** ynfoege wurde as it basiswurd einiget op **l, n** of **r** mar it hoecht net. Foarbyld: mâl - mâlder.
- Untstiet de letterkombinaasje **-tst** of **-dst**, dan wurdt de earste **t** of **d** net útsprutsen. By bêst en lêst wurde de letters ek net skreaun.
- Einiget it basiswurd op **-st** of **–sk** dan wurdt by de oertreffende trep net faak de

útgong **-st** brûkt, mar it wurdsje meast brûkt. Foarbyld: farsk - farsker - meast farsk.

- Ofwikende foarmen:

goed	better	bêst
graach	leaver	leafst
folle	mear	meast
ier	earder	earst

Folje ûndersteand skema yn

Grûntrep	*fergrutsjende trep*	*oertreffende trep*
Blau	.....	.....
Bryk	.....	.....
Goed	.....	.....
Skjin	.....	.....
Folle	.....	.....
Fol	.....	.....
Moai	.....	.....
Ier	.....	.....
Wyt	.....	.....
Graach	.....	.....
Let	.....	.....
Hurd	.....	.....
Kâld	.....	.....
Leaf	.....	.....
Mânsk	.....	.....

IV YNTERFERINSJES

Leksikale ynterferinsjes binne wurden dy't út de iene taal oernommen wurde yn de oare taal mar dêr eins net yn thús hearre.

Oefening. Betink yn twa- of trijetallen in tal wurden dy't neffens jimme net yn it Frysk thús hearre.

Oefening. Ferbetterje de flaters

1. Meester en juffrou binne beide siik.
2. Wy sille hjoed in kringgesprek hâlde.
3. De learkrachten hawwe har befoegdheid wol, mar dogge net folle oan it Frys.
4. In kleuterjuf moat goed mei lytse bern omgean kinne.
5. Dy leidster mei graach mei foublaadjes wurkje en op it bord tekenje.
6. Sy lit de kleuters yn it speelkwartier bûten spelen.
7. De peuters geane by ús nei de peuterspeelzaal.
8. Yn 'e herfstfakantsy en foarjaarsfakantsy bliuwe wy thús.
9. De ouderkommisje en de ouderraad hawwe neat te krijen mei it
10. opnamebeleid.
11. Moat der in ouderbijdrage komme foar it skoolswemmen?
12. Us Pyt giet nei in openbare skoalle foar foartgeset ûnderwiis.
13. By groepswerk giet it mei nammen om it samenwerken.
14. De bern krigen ijsfrij en gongen dy middeis te skaatsen op de grutte feart.
15. No moatte jimme ris goed nei my hearre.
16. Folgende wike hawwe wy gymnastyk op it feld.
17. It proefwerk wie slim muoilik, hast gjinien hie in foldoende.
18. De juf giet in ferhaal oer Tomke foarlêzen.
19. By geskidenis giet it net allinne oer tijdbalken.
20. By aardrykskunde hawwe wy it hân oer ferfoersmooglikheden.
21. Moatte jimme foar skoalle ek yn 'e rij stean?
22. De kookles is net yn it handenarbeidlokaal.
23. Mei Kryst is it altyd drok op uze skoalle.
24. Tidens de rekkenles probearre de juf de bern yts nijs te learen.
25. De learaar bliuwt seuren oer de slechte resultaten dy't folle bern hienen helle.
26. Wy stopje no mar mei dizze moeilike sinnen.

Húswurk les 7

Opdracht 1. Lúsjefersdoaske of lucifersdoaske ?



Wat is goed skreaun? Set in rûntsje om de a of de b

1.	a. sigeuner	/	b.	zigeuner
2.	a. fjirder	/	b.	fierder
3.	a. lúsjefersdoaske	/	b.	lucifersdoaske
4.	a. maie	/	b.	maaie
5.	a. ivichheid	/	b.	iuwichheid
6.	a. freondinne	/	b.	froendinne
7.	a. parapsycholooch	/	b.	parapsycholoog
8.	a. hûnderten	/	b.	hûnderden
9.	a. ealjebij	/	b.	ealjebei
10.	a. sekuer	/	b.	sekuur
11.	a. knynen	/	b.	kninen
12.	a. brechje	/	b.	brêchje

Opdracht 2. Set de folgjende wurden oer yn it Frysk

1. antiquariaat	7. toneelgezelschap
2. familie	8. bibliotheek
3. computer	9. rookvlees
4. nauw straatje	10.voorbeeld
5. kinderen	11.veulentje
6. differentiatie	12.consequentie

Opdracht 3. Tsjinstellingen

1.	gewoan	- …….
2.	plat	- …….
3.	in lyts bytsje	- …….
4.	withoefier	- …….
5.	himmel	- …….
6.	betelle fuotbal	- …….
7.	frije tiid	- …….
8.	ynskriuwe	- …….
9.	in poepetoer	- …….
10.	âldfrinzich	- …….
11.	ferbiede	- …….
12.	argewaasje	- …….

Opdracht 4. Skriuwopdracht. Kies út de folgjende opdrachten

1. Op basisskoalle ‘De Takomst’ wurde twa learkrêften frege, ien foar de ûnderbou en ien foar de boppebou. Skriuw in Fryske sollisitaasjebrief op ien fan de beide fakatueres.

2. By Taalsintrum Frysk fan CEDIN freegje se ûnderwiisminsken dy’t meihelpe wolle om Frysktalige learmiddels te ûntwikkeljen. Skriuw in Fryske sollisitaasjebrief.

Opdracht 5. Ferbetterje de flaters, se binne skeanprinte

1. It *ademheljen* foel him swier.
2. De hurdrinner *snakte nei adem*.
3. Aanst moat er wer *plasse*.
4. Sa begjint it noch te *bloeden*.
5. Ik *krij it kâld*.
6. Hy is *gesond* ferklearre.
7. In *ruwe* hûd is lestich.
8. Sy is *swanger*.
9. De *wenkbrauwen en de wimpers* sitte by de eagen.

Yn de folgjende sinnen binne se net mear skeanprinte. Sykje de flaters en ferbetterje dy

1. Sil ik dat stikje bôle mei rookfleis mar opite?
2. Helje mar in pûn runderlapkes.
3. Myn âld kookboek is hast te’n ein.
4. Foar it bakken fan cake moat men aaien klutse.
5. Sil ik dyn kofje even roere?
6. Wy hiene it miel samar ferorbere.
7. Smaaklik iten!
8. Meisto ek sa graach bramesjem?
9. Gesneden bôle keapje.
10. Yn de supermerke keapje ik in fles karnemolke, in pakje roombûter en in pot pindakaas.

LES 8

I STAVERING

1. DE REGEL FAN IT BYLUD + J

As yn in frjemd wurd nei in bylûd in **'j'** te hearren is yn it Frysk, dan wurdt dy **'j'** ek skreaun.

gn	> nj	sinjaal
ci	> sj	sosjaal
ti	> sj	inisjatyf
ll	> lj	kariljon
si	> sj	ekspresjonisme

- **y**, as it klam kriget: demokrasy, religy
- **je**, as it gjin klam kriget: ministearje

De ûnbeklamme wurdeinen wurde stavere mei:

-sje: By de Nederlânske útgong: -cie, -tie en -sie
Foarbylden: provinsje, edysje, kommisje.

-zje: As yn 'e útspraak in **z** te hearren is. Dat is it gefal by de folgjende útgongen yn Nederlânske wurden:

-ge	garaazje, privileezje	-isie	televyzje
-usie	fúzje	-ersie	ferzje
-idie	subsydzje	-che	resjerzje

De Nederlânske ûnbeklamme útgong **-gie** wurdt yn it Frysk stavere as:

-zjy: bygelyks: enerzjy

Oefening. Set de folgjende wurden oer yn it Frysk

aristocratie	.....	illusie	.....	academie	…….
regie	.....	taxi	.....	conclusie	…….
potentieel	.....	prestige	.....	medaille	…….
champignon	.....	prestatie	.....	situatie	…….
college	.....	compagnon	.....	advertentie	…….
horloge	.....	vakantie	.....	religie	..…….
officieel	.....	stage	.....	discussie	…….
televisie	.....	campagne	.....	differentiatie	…….

2. DE REGEL FAN Y EN I

Foar de stavering fan **y** en **i** yn frjemde wurden binne de wichtichste regels:

Begjin wurd: **y**: Foarbylden: ynternasjonaal, yllegaal, ymplisyt, yrreeël
Midden wurdlid: **y**: Foarbylden: fossyl, synonym, alternatyf, parasyt
Ein wurdlid: **y/i**: Hinget fan it Nederlânske wurd ôf. As der yn it Nederlânsk in **y** skreaun wurdt, skriuwt it Frysk ek in **y**, ek as dat tsjin de regel (regel: iepen wurdlid in **i**) yn is.
Foarbylden: type, synonym

As it Nederlânsk wol in **i** skriuwt docht it Frysk it ek.
Foarbylden: piramide, silinder
Ein wurd: **y**: Foarbylden: aliby, politisy

N.b. De Nederlânske útgong **-isch** wurdt yn it Frysk **-ysk.** Foarbyld: logysk

Oefening. Set de folgjende wurden oer yn it Frysk

interessant	.....	psycholoog	.....
pedagogisch	.....	invalide	.....
pyromaan	.....	typisch	.....
telepatie	.....	interpunctie	.....
irrigatie	.....	interieur	.....
didactiek	.....	subtiel	.....

Betink in Nederlânsk wurd mei de folgjende útgongen en set se oer yn it Frysk

-ief	.....	-iek	.....
-iel	.....	-iem	.....
-ien	.....	-iep	.....
-iet	.....	-ijn	.....

3. DE REGEL FAN EAU EN OU

De Frânske **eau** mei de útspraak **o** wurdt yn it Frysk skreaun as: **o**
De Frânske **ou** mei de útspraak **oe/û** wurdt yn it Frysk skreaun as:
- **oe**: foar r
- **û**: yn de oare gefallen

N.b. Yn it meartal krijt in frjemd wurd op 'o', lykas de wurden op 'u', 'y' en 'a': apostrof 's'.
Foarbylden: paria - paria's
aliby - aliby's
akku - akku's
hobo - hobo's
buro - buro's
Der binne lykwols ek wurden dy't -en yn it meartal krije, bygelyks:
kopy - kopyen

Oefening. Skriuw de folgjende wurden op syn Frysk

bureau	.....	bougie	.....
journalist	.....	niveau	.....
bouillon	.....	route	.....
coureur	.....	boutique	.....
tournee	.....	courgette	.....
couveuse	.....	couplet	.....

4. DE REGEL FAN AI, ê, è EN EI

De Frânske lûdtekens **ai**, **ê**, **è** en **ei** útsprutsen as in ê, wurde yn it Frysk ek skreaun mei in **ê**.
- literair- literêr
- enquête - enkête
- misère - misêre
- beige - bêzje

Oefening. Betink op syn minst tsien wurden dêr't dizze regel foar jildt

5. DE REGEL FAN DE UTGONG -SE

De útgong **-se** yn frjemde wurden, wurdt yn it Frysk skreaun as: **-ze**.
Foarbylden: faze, punêze.

Oefening. Betink fjouwer wurden dêr't dizze regel foar jildt

6. WURDEINEN DY'T ITSELDE BLIUWE

Wurdeinen dy't deselde stavering hâlde:

-**ot**: depot, maillot
-**oir**: trottoir, dressoir
-ois: boerzois
-os: toernedos
-ier: konferensier, atelier
-er: sûper
-et: filet
-ert: dessert, ekspert
-ort: komfort

II TIIDWURDEN

Oefening

A. Set yn de notiid
Monica .....(1. dwaan) de doar iepen en .....(2. gean) mei Tsjalling nei bûten ta. De loft yn it westen .....(3. kleurje) al read.
Ut de keuken wei .....(4. klinke) flarden fan muzyk.
Monica .....(5. meitsje) fjoer en .....(6. roasterje) in stik fleis.
Tegearre .....(7. jaan) se har del op de grutte brede grenen bank.
'Wat .....(8. sykje) do yn dit lân?',..... (9. freegje) Monica.
'Miskien wol wat dat ik noait fine ..... (10. kinne)', ... (11. sizze) Tsjalling.
Monica .....(12. glimkje) en Tsjalling .....(13. tinke), as er har sa sitten .....(14. sjen) yn it prachtige ljocht, dat er ..... (15. dreame).

B. Set yn de doetiid
In skoftke .....(16. sitte) se stil byinoar en ..... (17. harkje) nei de muzyk.

De sinne .....(18. ferlitte) Montana.
Monica .....(19. stekke) op de hoeken fan de feranda in pear fakkels oan om de muskiten op ôfstân te hâlden.
De oare moarns, doe't it ljocht .....(20. wurde), ...
(21. beklimme) Tsjalling en Monica de hynders en .....(22. gean) op 'en paad.
Se .....(23. ride) de hiele moarn en middei troch en .....
(24. komme) tsjin de jûn by de earste útrinners fan de Rocky Mountains oan dêr't it grûngebiet fan Monica .....(25. ophâlde). Tsjalling ..... (26. sjen) dat it stek stikken ..... (27. wêze).
Wylst er it .....(28. reparearje), ...(29.sette) Monica de tinte op en ..... (30. begjinne) te itensieden.

C. Set de tiidwurden yn de mulwurdsfoarm
Tsjalling en Monica hiene it stek .....(31. folgje) en wiene by de rivier .....(32. útkomme).
Op in ûndjip plak fan de Missouri hiene se de hynders it wetter yn ..... (33. driuwe) en wiene de rivier .....(34. oerstekke).
Se wiene by it paad lâns de bergen .....(35. ynklimme).
Monica hie it ferhaal .....(36. fertelle) fan de Ierske goudsiker en syn dochter.
In cowboy dy't fereale op har wie, hie .....(37. besykje) har dêrwei te heljen, mar dat wie net .....(38. slagje).
De goudsiker hie him .....(39. fuortjeie).
Yn 'e bergen wie in trochgong .....(40. meitsje).
Monica en Tsjalling wiene dertroch .....(41. ride).
Oan 'e oare kant wie de moaiste delling dy't Tsjalling ea ..... (42. sjen) hie.
It gebiet wie hielendal .....(43. ynslute) troch steile, hege rotsformaasjes.
De griishouten blokhutte fan de goudsiker stie der noch.
De doar wie .....(44. kromlûke) en de skoarstien wie fan it planken dak ôf .....(45. rûgelje)

D. Set de Nederlânske tiidwurdsfoarmen oer yn de goede Fryske foarm en tiid.
1. Tsjalling en Monica binne mei de fleanmasine nei Amearika ..... (vliegen).
2. Do ..... (weten; notiid) net oft er noch komt.
3. De jonges ..... (duwen; doetiid) de kano's it wetter yn.
4. Maaike ..... (luisteren; notiid) nei de moaie muzyk op 'e radio.
5. ..... (Vergeten; doetiid) do juster dyn tas net?

Afûk A-eksamen, 19 septimber 2009
(tekst: A. Terpstra, *De hearen fan Fryslân*, oanpast)

III YNTERFERINSJES

Pragmatyske ynterferinsjes

Pragmatyske ynterferinsjes binne ynterferinsjes yn it taalgebrûk. It Frysk en it Nederlânsk brûke net altyd deselde wurden om itselde út te drukken. Dat jildt bygelyks foar sprekwurden en útdrukkingen. Foar it Nederlânske sprekwurd 'Wie de schoen past, trekke hem aan' wurdt yn it Frysk sein 'Wa't in noas hat, kin mar rûke.

Oefening. Helje de flaters út de folgjende sinnen

1. Folle heil en segen.
2. Smaaklik ite.
3. Wolterêsten

4. Goeiendei mynhear De Jong en mefrou De Vries.
5. Mem, witsto ek wêrsto it boek dellein hast?
6. Pake, kinne jo my efkes helpe?
7. (foar de telefoan) Jo sprekke mei Maaike v.d. Velde.
8. Sy hawwe it drok en binne moarns ier en betiid al yn ‘e war.
9. By it hûs stie in buordsje mei ‘Ferbeane tagong’.
10. It is yn kannen en krukken.

Yn it Frysk brûke wy it besitlik foarnamwurd soms wat oars as yn it Nederlânsk. ‘Mijn vader’ wurdt yn it Frysk ‘ús heit ‘ en net ‘myn heit’, ek as soe dy iennichst bern wêze. Net allinne it oars brûken fan it besitlik foarnamwurd, mar ek it soms *weilitten* derfan is ien fan de ferskillen mei it Nederlânsk. Ynstee fan it besitlik foarnamwurd brûke wy soms *de*. Faak is dat sa as it in part fan it minsklik lichem oanbelanget. Sa wurdt ‘ik heb *mijn* hoofd gestoten’ yn it Frysk ‘ik haw (my) de holle stompt’.

Oefening. Ferbetterje de sinnen

1. Ik bin grutsk op myn dochter, sei mem.
2. Myn broer Klaas sil nije wike op fakânsje.
3. Wy geane sneon in dei nei myn pake-en-dy yn Drachten.
4. Moarn sil ús buorman mei syn frou en syn bern nei Kanada.
5. Moatst Hindrik net fertrouwe, hy hat se efter syn earmtakken.
6. Jan foel op syn snút en hie in tosk troch syn lippe.
7. Gjin niget, dat de triennen út syn eagen rûnen.
8. Ik ha my op myn tomme slein.

Húswurk Les 8

Opdracht 1. Lit ien it folgjende diktee foarlêze en skriuw it op

1. It skriuwersalmenak hat in achttûzen euro subsydzje krigen.
2. De oplaach is trijetûzen eksimplaren, de ferkeappriis fyftjin euro.
3. Mei al dat jild en de mooglikheid fan in grutte ferkeap soe men in prachtich útfierd boek ferwachtsje.
4. Dat is spitigernôch net it gefal, want sawol fan binnen as fan bûten sjocht it der min út.
5. Mei in fakman as foarmjouwer en in krityske redaksje hie it grif tsien kear better kinnen.
6. It belang fan in universitêre stúdzje as Dútsk en Frânsk moatte jo net ûnderskatte.
7. Hy wie troud mei in skieden frou en hie yn Swol op ‘e keunstakademy studearre.
8. Sa’n oplieding wie earder yn deftige rûnten tige needsaaklik.
9. Hy hat gauris finansjele swierrichheden en dat komt troch syn útwrydske libbensstyl.
10. Hy beheart hjoeddedei in midsieusk kastiel mei in grêft yn ‘e omkriten fan De Jouwer.

Opdracht 2. Betink sels in ûnderwerp út de skoalpraktyk om oer te skriuwen

Opdracht 3. Ynterferinsjes. Set oer yn it Frysk

1. Zij gaan trouwen.
2. Wij bleven wachten.
3. Hij blijft een half uur praten.
4. Ik ga jullie een verhaal vertellen.
5. Hij blijft schelden.
6. Hij komt morgen schilderen.
7. Ga maar buiten spelen.
8. Kleine kinderen blijven soms zeuren.
9. Het gaat regenen.
10. Volgende week gaan wij uit eten.

LES 9

Proeftoets: STAVERING, TIIDWURDEN EN YNTERFERINSJES

1. Diktee

2. Staveringsflaters
Ferbetterje de staveringsflaters yn de sinnen

1. Ik liuw net dat hy dy grauwe balke trochseachje kin.
2. De journalist moat nog in verslach maitsje oer it neie lânbouwbelied.
3. Joast docht snobbersgoud, twa blikjes kola, treie stikken brúne bôlle mei tsies en in opskreauboekje yn syn rêgsek.
4. Harry stie hielendal alinne mei syn bagage en oele op it station en wist net wêrt er perron treie/fjouer fyne koe.
5. Hy wurd midzjes om jelve twaen wer op skwalle ferwachtte.

3. Frjemde wurden
Set de wurden oer yn it Frysk

1. cadeau
2. differentiatie
3. thema
4. cultuur
5. subsidie
6. extra
7. route
8. chef
9. pedagogisch
10. internationaal

4. Staveringsregels
1. Skriuw de regel op fan y / ii / ie/ i
2. Wat is it ferskil tusken: barchje en bargje?

5. Tiidwurden
Set de tiidwurden yn de goede foarm en notiid

1. De tredde jûn ..... (fine) Harry de keamer in stik earder as earst.
2. En dêr ..... (stean) syn heit en mem wer en ..... (glimkje) nei him.
3. Harry ..... (gean) foar de spegel op ‘e grûn sitten.
4. Mar dan ..... (draaie) er him om en dêr ..... (sitte) Perkamentus.
5. ‘Nuver, hoe’n bytsje asto ..... (sjen), asto sels net .....(sjen: mulwurd) ..... (wurde)’, ... (sizze) Perkamentus, wylst er ..... (laitsje).
6. ‘Sa’, do ..... (hawwe) dus de Spegel fan Negnalref ..... (ûntdekke: mulwurd).
7. ‘Ik ..... (witte: doetiid) net dat er sa ..... (hjitte: doetiid), menear’.
8. ‘Mar do ..... (witte) ûnderwilens wol wat er ..... (dwaan).
9. ..... (Begripe) do wat dy spegel sjen ..... (litte)?’
10. Harry ..... (skodholje).

Gean no fierder yn de doetiid
11. Perkamentus ..... (hawwe) Harry derfan ..... (oertsjûgje: mulwurd) om net mear nei de spegel te sykjen.

12. De rest fan de krystfakânsje ..... (bliuwe) de ûnsichtberheidsmantel moai opteard op ‘e boaiem fan syn koffer lizzen.
13. Mar Harry ..... (kinne) de bylden yn ‘e spegel net maklik fan him ôfsette.
14. Hy ..... (krije) nachtmerjes.
15. Hieltyd wer ..... (dreame) er fan syn heit en mem, dat se yn in flits fan grien ljocht ..... (ferdwine), wylst in heech lûd keakeljend ..... (laitsje).

6. Tiidwurdsfolchoarder
Set de tiidwurden yn de goede foarm yn de notiid en yn de goede folchoarder

1. Hylkje ..... (hoopje) dat se de toets goed .... (hawwe, meitsje).
2. Dat skilderij ..... (sille) dêr wol .... (bliuwe, hingje, moatte).
3. Om in doelpunt ..... (meitsje, kinne), ... (moatte) do hurder drave.
4. Jo ..... (tinke) dat er dat better net .... (dwaan, hawwe, kinne)?

7. Ynterferinsjes
Helje de flaters út de sinnen

1. De learkrachten hiene hun befoegdheid wol, mar diene yn ‘e praktijk net folle oan it Frys.
2. Folgende maand as de simmerfakantsy begjint, geane sy trouwen.
3. Myn mem bliuwt mar seuren oer dat ik steeds te let nei bêd gean.
4. It falt my mei datsto by it skaatsen net troch it ijs sakt bist.
5. Folle minsken probearje om oan in kaartsje foar de foetbalwedstrijd te kommen.
6.

8. Ynterferinsjes
Set oer yn it Frysk

1. Volgens mij kun je niet zo goed tegen al dat lawaai bij de buren.
2. Tijdens de mond-en-klauwzeercrisis stond er bij de boerderij een bordje met verboden toegang.
3. Klaas staat ‘s morgens vroeg op, omdat hij voor het ontbijt de hond nog uit moet laten.
4. De enkel, waarom het verband zat, deed ontzettend pijn.
5. Vorige week heb ik op de kermis mijn sleutels verloren.

9. Taaleigen
Jou de meartals- en ferlytsingsfoarm fan de folgjende wurden

1. skiep	3.tonge	5. lân
2. stoel	4.faam	6. finger

10. Skriuwe

Skriuw in briefke nei de âlden oer de sportdei dy’t holden wurde sil en dêr’t âlden by nedich binne foar de organisaasje (± 100 wurden).

Diktee

1. Foar de twadde kear waard Sjoerd yn in djippe tunnel mei de muzyk en kleuren sûge.
2. It duorre net lang of hy seach it wite ljocht oan ‘e ein.
3. Doe’t er hast by it ljocht wie, makke er him sa lyts mooglik, de fuotten hielendal ynlutsen en de earmen om de holle teard.
4. Hy kaam op in heap blêden telâne oan de râne fan in bosk.
5. De beammen joegen in driigjende sfear.
6. Fan in protte misten de tûken ôf, guon wiene omwaaid.
7. Dêr’t de bosk ophâlde, lei in stik greide mei kij dy’t gers ieten.
8. Fierderop wiene hege bergen mei ûngewoane foarmen,der sieten nuvere útsteksels oan en grouwe gatten yn.
9. “Hoi”, hearde er ynienen in stimke nêst him.
10. Syn lytse buorfamke siet op ‘e grûn.

Taheakke A

It omgean mei it Frysk by skoallebern

Jehannes Ytsma (taalsosjolooch oan 'e Fryske Akademy) gie yn op de kwaliteit fan it Frysk fan Frysktalige bern en op de taalhâlding fan Frysktalige en Nederlânsktalige bern. Hy die dat oan 'e hân fan de útkomsten fan syn promoasje-ûndersyk (1995), dat as ûnderwerp hie: it Frysk as earste en twadde taal by bern fan groep 5 en 8 fan 'e basisskoalle. Syn wichtichste konklúzjes binne dat de kwaliteit fan it Frysk ek by Frysktalige bern net oerhâldt en dat de hâlding foar it Frysk oer fan Nederlânsktalige bern frijwat negatyf is. Hy pleitet der dan ek foar dat de skoallen mear oan 'taalûnderhâld' fan it Frysk dogge en it Frysk op skoalle mear 'yntegraal' brûke. Dat lêste om't ûndersyk útwiisd hat dat soks de taalhâlding posityf beynfloedet.

Jehannes Ytsma

Taalkontakt

Yn de jierren fyftich wie fierwei it grutste part fan de skoallebern yn ús provinsje fan hûs út Frysktalich. Ut in ynventarisaasje fan de taal fan it skoallebern die bliken dat de bern doedestiids foar mar leafst 90 oant 100% Frysktalich wiene yn mear as de helte fan alle gemeenten (Boelens en Van der Veen 1956). Dat leit hjoed de dei fansels hiel oars. Ut in ûndersyk fan 'e ûnderwiisynspeksje, útfierd oan 'e ein fan 'e jierren tachtich, is bygelyks nei foaren kommen dat op in tredde part fan de basisskoallen de learlingen foar 75% of mear Frysktalich binne (*Inspectie van het Onderwijs* 1989:26).

It oanpart fan 'e Nederlânsktalige bern yn ús provinsje is yndie gâns tanommen. Dat betsjut ûnder oaren dat Frysktalige bern wat langer wat mear mei it Nederlânsk konfrontearre wurde. Ommers, in part fan harren freontsjes en freondintsjes is fan hûs út Nederlânsktalich. Frysktalige bern hawwe boppedat oanstriid om Nederlânsk mei Nederlânsktalige bern te praten, en dêrtroch prate sy sels ek faak Nederlânsk.

Yn sa'n situaasje fan yntinsyf taalkontakt is it de fraach hoe't de 'kwaliteit' is fan it Frysk fan 'e hjoeddeiske generaasje Frysktalige bern. Yn hoefier taast it Nederlânsk it Frysk oan? Dat haw ik yn myn ûndersyk nei it Frysk as earste en twadde taal by skoallebern ûndersocht.

No't der sa'n soad Nederlânsktalige bern yn Fryslân wenje, is it boppedat belangryk om bygelyks te witten hoe't sy oer it Frysk tinke. Dat tema, de taalhâlding, is dêrom ek yn myn stúdzje opnommen.

Kwaliteit fan it Frysk

Yn myn ûndersyk haw ik sjoen nei ferskillende taalfariabelen dy't meiinoar in byld jouwe fan de kwaliteit fan it Frysk fan 'e bern. Yn it foarste plak is fansels omtinken jûn oan de wurdskat fan 'e bern. Wat sizze Fryske skoallebern tsjintwurdich: *par* of *peer*? En is in *stikelbaarch* yn har mûle yndie in stikelbaarch of is it in *egel*?

Twad is de bûging fan saneamde *je*-tiidwurden ûnder de lûp nommen. Wat sizze Fryske skoallebern: 'wy sak*je* troch it iis' (Standertfrysk) of is it earder 'wy sak*ke* troch it iis' (net-standert)?

In tredde taalfariabele dêr't ik nei sjoen ha, is it ferskynsel dat bekend stiet as brekking. Yn it Frysk is it ferlytsingswurd fan 'stoel' in 'st*uo*ltsje' en it meartal wurdt 'st*uo*llen'. It twalûd */oe/* wurdt dan brutsen en útsprutsen as */uo/*. Mar brekke Frysktalige bern datsoarte wurden wol of litte se de brekking wei en sizze se 'st*oe*ltsje' en 'st*oe*len'?

Noch in oar aspekt is de ferlytsingsfoarming. In lytse spiker, is dat - suver hast op syn Nederlânsk - in 'spiker*tsje*' of is it sa't de standert it ha wol in 'spiker*ke*'? En in lyts aai, is dat in 'aai*tsje*' of in 'aai*ke*'?

It lêste ferskynsel dêr't ik stúdzje fan makke ha, is de folchoarder fan tiidwurden yn 'e sin. Ynstee fan 'ik hie dat *dwaan moatten*' hearre wy hieltyd faker 'ik hie dat *moatte dwaan*'. Hoe faak komt de standertfolchoarder (noch) foar by de bern?



Bern fan groep 8 fan de J.H. Nieuwoldskoalle yn Wergea (1995).

Utkomsten

De útkomsten fan de neamde fiif taalfariabelen jouwe meiinoar in yndikaasje fan 'e kwaliteit fan it Frysk fan 'e bern. Om te begjinnen is it dúdlik dat de wurdskat fan 'e Frysktalige bern ûnder ynfloed stiet fan it Nederlânsk. Fan 'e 202 Frysktalige bern dy't ûndersocht binne, neamt 81% it wurd *par*, mar de oaren brûke it Nederlânske *peer*. Inselde patroan sjogge wy bygelyks by in wurd as *sipel*. Fjouwer fyfde part fan 'e bern (80%) brûkt hjir it Fryske wurd, wylst de rest it oer in *ui* hat. Opfallend is it dat mar 62% it wurd *stikelbaarch* brûkt, en dat de oaren it oer in *egel* ha of sels oer in *stikelfarken*. Dat lêste is fansels gjin Frysk en ek gjin Nederlânsk. It is Nysk of Frederlânsk...?

Wat de bûging fan *je*-tiidwurden oanbelanget, falt op dat de bern gauris ûnwis binne oft in tiidwurd al of net in *je*-tiidwurd is. Soms bûgje se in *e*-tiidwurd as in *je*-tiidwurd. Dat is bygelyks it gefal yn 'wy bak*je* moarn pankoeken'. Mar faker komt it - krektoarsom - foar dat *je*-tiidwurden as *e*-tiidwurden bûge wurde. Dat is te sjen yn in sin as 'wy sak*ke* troch it iis' ynstee fan 'wy sak*je* troch it iis'.

It ferskynsel brekking ha de bern tsjintwurdich gauris muoite mei; jonges noch wat mear as famkes. Der is sels in lyts tal bern dat de brekking hielendal net tapast. Sy ha it dus oer in lyts 'st*oe*ltsje' en oer fjouwer 'st*oe*len', en net oer in 'st*uo*ltsje' en oer 'st*uo*llen'. Oan 'e oare kant binne der lykwols ek bern dy't de brekking altyd goed dogge. It grutste part fan 'e bern lit yn guon gefallen wol brekking hearre, mar yn oare gefallen wer net.

By de ferlytsingsfoarmen komt it gauris foar dat bern it efterheaksel *-ke* faak ferfange troch it (fernederlânske) *-tsje*. Sa hearre wy 'spiker*tsje*' ynstee fan 'spiker*ke*' en 'aai*tsje*' ynstee fan 'aai*ke*'. Hjir falt ek wer op dat guon bern it oarspronklike efterheaksel *-ke* alhiel net mear brûke, wylst oaren it dêrfoaroer altyd brûke. Mar de measten brûke de beide farianten trochinoar.

Wat bot oan it feroarjen is, is de tiidwurdfolchoarder. It sintsje 'Do moatst dy faas



Yn it ûndersyk nei de kwaliteit fan it Frysk fan de skoallebern waard dit bist meastal in ***stikelbaarch*** *neamd, mar ek wol* ***egel*** *of sels* ***stikelfarken.***

net *falle litte*' waard troch rûchwei twa tredde part fan 'e bern (69%) goed dien, mar de oaren draaie de boel om en brûke de Nederlânske folchoarder yn 'Do moatst dy faas net *litte falle*'. It byld is wer itselde: guon dogge it altyd ferkeard en oaren krekt altyd goed. En yndie: de measten dogge it wer om en om.

Al mei al kom ik op grûn fan boppeneamde útkomsten ta de konklúzje dat de kwaliteit fan it Frysk by it grutste part fan 'e bern net oerhâldt. Dêrby is it lykwols wol sa dat it Frysk wat better wurdt as de bern âlder wurde, want yn it ûndersyk koe oantoand wurde dat de kwaliteit fan it Frysk tusken groep 5 en 8 dochs justjes tanimt.

Frysk as twadde taal: taalhâlding

Wat de Nederlânsktalige bern (n=208) oanbelanget, gie it my - neist de fraach yn hoefier't sy it Frysk as twadde taal yn 'e omgong mei Frysktalige leeftydsgenoaten oppikke - ek om harren hâlding foar it Frysk oer. De taalhâlding is ûnder oaren yn kaart brocht troch de bern tsien útspraken oer it Frysk foar te lizzen dêr't se fan oanjaan koene wat se derfan fûnen.

Om in yndruk te jaan fan de taalhâlding fan de Nederlânsktalige bern jou ik hjirûnder de útkomsten op trije items. Om sjen te litten hoe't de miening fan 'e Nederlânsktalige skoallebern beoardiele wurde moat, jou ik de miening fan 'e Frysktalige bern ek. De hâlding fan 'e Frysktaligen foarmet eins in soarte fan ikerpunt.

De earste fraach dy't foarlein is, wie "*Hoe vind je het als je meer Friese les op school zou krijgen?*" Op dy fraach waarden de folgjende antwurden jûn:

	helemaal niet leuk	niet leuk	gaat wel	leuk	heel leuk
Ned. talich (n=208)	26	17	43	8	5
Frysktalich (n=202)	4	9	30	29	27

As wy de antwurdkategoryen 'heel leuk' en 'leuk' byinoar lûke, dan kin sein wurde dat 13% fan de Nederlânsktalige skoallebern der posityf foaroer steane dat der mear Fryske les op skoalle komme soe. Yn ferhâlding ta de Frysktalige bern is it mar in lyts part dat posityf is, want mear as de helte fan de Frysktalige bern (29+27=56%) stiet posityf foar itselde item oer.

In oare fraach gie oer it Frysk as fiertaal yn it ûnderwiis. De fraach wie "*Hoe vind je het als je juf of meester bijna altijd Fries zou spreken bij de rekenles?*" De antwurden op dy fraach binne gearfette yn de neifolgjende tabel:

	helemaal niet leuk	niet leuk	gaat wel	leuk	heel leuk
Ned. talich (n=208)	41	26	24	6	1
Frysktalich (n=202)	4	3	22	30	41

Oer dy fraach tinke de Nederlânsktalige skoallebern op 'e nij hiel oars as de Frysktaligen. Fan de Nederlânsktalige bern soe mar 7% it (hiel) aardich fine as juf of master hast altyd Frysk prate soe ûnder de rekkenles, wylst hast trije fjirde part (71%) fan de Frysktalige bern dat wurdearje soe.

Wer in oare fraach gie net oer it Frysk op skoalle (as fak of as fiertaal), mar mear oer de gefoelsmjittige, sis mar symboalyske wearde fan it Frysk (en Fryslân) foar de bern. De fraach wie "*Welke stikker zou jij het liefst op je fiets plakken?*" Diskear koene de bern kieze út fjouwer antwurdmooglikheden. Dat diene se lykas folget:

	Ik ❤ Holland	Ik ❤ Friesland	Ik ❤ Fryslân	Fryslân ❤ boppe!
Ned. talich (n=208)	49	24	9	18
Frysktalich (n=202)	4	6	26	63

As wy de beide 'Fryske' plakplaatsjes (Ik ❤ Fryslân / Fryslân ❤ boppe!) byinoar optelle, docht bliken dat goed in fjirde part fan 'e Nederlânsktalige bern (9+18=27%) dêrfoar kiest. De symboalyske wearde fan it Frysk (en fan Fryslân) sprekt de Frysktalige bern folle sterker oan, want mar leafst njoggen op 'e tsien (26+63=89%) meitsje de kar foar ien fan 'e twa 'Fryske' plakplaatsjes.

De útkomsten yn de trije tabellen gearfetsjend, soe men sizze kinne dat de Nederlânsktalige skoallebern yn ferliking ta de Frysktalige bern net bepaald posityf foar it Frysk oer steane. Mei oare wurden, har taalhâlding is betreklik negatyf.

Underwiis

Yn it foargeande is earst de konklúzje lutsen dat de kwaliteit fan it Frysk fan de measte Frysktalige skoallebern net oerhâldt, en twad dat de taalhâlding fan it grutste part fan 'e Nederlânsktalige bern frijwat negatyf is. Beide punten lykje my fan belang foar it ûnderwiis, alhoewol't ik my realisearje dat wittenskiplik ûndersyk hast noait in kant-en-klear resept jaan kin foar de ûnderwiispraktyk.

Der is, tinkt my, alle reden om derfoar te soargjen dat basisskoallen mear oan 'taalûnderhâld' fan it Frysk dogge. Fansels kin fan it ûnderwiis net alles ferwachte wurde, mar de skoallen kinne wis wol bewust(er) omtinken jaan oan 'e kwaliteit fan it Frysk by de bern. Lokkigernôch biedt de nije taalmetoade foar it Frysk - de Fryske TaalRotonde - dêr ek oanknopingspunten ta. Boppedat sil in goed taalfoarbyld fan de learkrêft grif ek syn útwurking ha. Wat dat oangiet is it nijsgjirrich dat der by de ûndersochte Frysktalige bern in dúdlike gearhing wie tusken de kwaliteit fan it Frysk by de bern en by de memmen fan dyselde bern (Ytsma 1995:104). Uteraard skilt it ek as de learkrêft flaters by de bern

korrizjearret. Krekt foar de swakste taal is korreksje op syn plak. Ut ûnderfining mei myn eigen bern wit ik dat ferbettering net fuortdaalk liedt ta it oernimmen fan standertfoarmen. Mar it makket de bern der yn alle gefallen wol attint op en dat is op himsels al winst.
Fierders is it in goed ding dat takomstige learkrêften yn 'e oplieding taret wurde op it ien en oar. Ommers, wa't sels net op 'e hichte is mei taalregels, sil him dêr sels ek net bewust oan hâlde en kin dy regels ek net op in oar oerbringe. By dat oerbringen fan taalregels tink ik dat it it bêste is dat de bern sels de oanbelangjende regels safolle mooglik ûntdekke. Want wat jo sels (út)fûn ha, dat reitsje jo net gau wer kwyt.

De measte ntiids ûngeunstige taalhâlding fan 'e Nederlânsktalige bern is fansels net in fêststeand gegeven. In taalhâlding is in oanlearde eigenskip en dy is dêrom wol te beynfloedzjen. Yn dat ferbân is it foaral belangryk dat Nederlânsktalige bern safolle mooglik mei it Frysk yn kontakt brocht wurde. Ut myn ûndersyk docht nammentlik bliken dat it wol deeglik ferskil makket hoefolle oft Nederlânsktalige bern konfrontearre wurde mei it Frysk (Ytsma 1995:130). Nederlânsktalige bern kinne op ferskillende wizen yn kontakt brocht wurde mei it Frysk. Dat kin bygelyks troch it Frysk faker te brûken as fiertaal yn it ûnderwiis en as omgongstaal tusken de bern yn 'e klasse. Boppedat kin de taal ek in fanselssprekkend(er) plak krije yn 'e skoallekrante, yn 'e skoallebibleteek, op (feestlike) âlderjûnen en gean sa mar troch.

Eksperimint twatalige skoalle

Op 't heden binne der plannen om te kommen ta in eksperimint mei in tal basisskoallen dêr't wurke wurde sil mei in helder model fan twatalich ûnderwiis. De skoallen sille it Frysk foar likemôch de helte fan 'e tiid as fiertaal brûke en se sille der nei stribje dat de basisfeardichheden Frysk en Nederlânsk - ferstean, prate, lêze en skriuwe - goed harren gerak krije. Fierders sil der yn it eksperimint omtinken wêze foar de kwaliteit fan it Frysk en foar taalhâldingsaspekten. Undersyk dat keppele is oan it eksperimint sil meider tiid útwize kinne hoe't sa'n model fan twatalich ûnderwiis yn Fryslân wurket. Op grûn fan resultaten fan bûtenlânsk ûndersyk doar ik te stellen dat men dêr hege ferwachtings fan hawwe mei.

Ferwizings:

Boelens, Kr. & J. van der Veen (1956). *De taal van het schoolkind in Friesland.* Fryske Akademy: Leeuwarden.

Inspectie van het Onderwijs (1989). *Het onderwijs in het Fries op de basisschool: stand van zaken 1988-1989.*

Ytsma, J. (1995). *Frisian as first and second language. Sociolinguistic and socio-psychological aspects of the acquisition of Frisian among Frisian and Dutch primary school children.* Fryske Akademy: Ljouwert.





Taheakke B Pieter Breuker; Ta de taalspegel

1 'MIN' EN 'GEEF' FRYSK

1.1 Ynlieding

Sûnt 1 maart 1980 stiet de 'Taalspegel' alle dagen yn de 'Leeuwarder Courant'. Sa't bekend wêze sil, wurdt yn dy rubryk de minsken in taalspegel foarhâlden: 'min Frysk' wurdt ferbettere yn 'geef Frysk'.

Ut: *Leeuwarder Courant*, 1 - 3 - 1980

Wat is eins 'min' en 'geef' Frysk? It Frysk heart mei it Nederlânsk, Dútsk en Ingelsk ta it Westgermaansk. Dy fjouwer talen hawwe in protte mienskiplike eleminten, mar se ûntrinne inoar dochs ek genôch om fan fjouwer selsstannige talen prate te meien. Elkenien dy't wat yn de neamde talen thús is, sil sizze: dit is Frysk, dat is Hollânsk, ensfh. Oars sein: der is in tal eleminten dat makket dat wy Frysk Frysk neame, Hollânsk Hollânsk en sa fierder. As no in taalfoarm út it Hollânsk (of in oare taal) wei yn it Frysk oernommen wurdt en de Fryske taalbrûker achtet dy foarm yn it Frysk net goed, dan prate wy fan 'min Frysk'. In foarbyld: as ien seit: 'Hy moat *sich* skamje', dan sit yn dy sin in elemint ('sich') dat net mei ús opfetting fan (goed) Frysk strykt. Dêrom neame wy 'sich' in foarbyld fan 'min' Frysk, it is mei in taalkundige term in *ynterferinsje*.

9

Wy nimme eefkes oan, dat elkenien 'sich' as Hollânsk oanfielt (it is dan in *hollanisme*). De mieningen oer wat Frysk en wat Hollânsk is, sille lykwols lang net altiten sa ienriedich wêze. Dat mei bliken dwaan oan de folgjende sin: 'Wy jouwe in protte oandacht oan 'min' en 'geef' Frysk.' Foar in protte Friezen sit dêr wryt noch slyt oan, wylst oaren wòl oer 'oandacht' stroffelje sille. Is 'oandacht' al of net in ynterferinsje? Wy komme hjir op ien fan de grutste swierrichheden by it praten oer goed en ferkeard Frysk. It probleem is, dat lang net altiten sein wurde kin: 'sa is it en net oars'. Wa't 'oandacht' foar goed Frysk hâldt, giet út fan it libbene taalgebrûk sa't er dat aldendei om him hinne heart en dêr't 'oandacht' folslein yn opnommen is. Wa't de oare wei kiest, hat taalhistoarsyk sjoen gelyk: wy hawwe yn it ferline 'oandacht' út it Hollânsk wei oernommen. As men in stringe taalnoarm oanhâldt, moat 'oandacht' dus as in ynterferinsje beskôge wurde. Yn in wat minder fiergeande opfetting soe it wurd ek 'goed Frysk' of alteast 'Frysk' neamd wurde kinne.



Frisismen en hollannismen . . .

Hokker stânpunt oft men ek ynnimt, it hat net folle doel om alle wurden dy't it Frysk ea út in oare taal liend hat, te kearen en te bestriden: dan soe der fan ús skiere memmetaal mar in bytsje oerbliuwe. Om in pear willekeurige foarbylden te jaan: 'deagewoane' wurden as 'kelder', 'wâl' en 'keapje' binne oan it Latyn ûntliend, de Frânsen hawwe wy bygelyks 'rym', 'feest' en 'bril' oan te tankjen, wylst de Perzen ús 'sûker' en de Arabieren ús 'kofje' beskikt hawwe. De jacht op frjemde eleminten sil mei oerlis en ferdrach dien wurde moatte. Wy hoopje dúdlik makke te hawwen, dat de skied tusken 'min' en 'geef' Frysk net skerp is en dat dy begripen net as absolute wearden sjoen wurde meie. De frekwinsje fan in foarm, jins persoanlik oardiel dêroer, de noarm fan it ûnderwiis, it binne allegearre faktoaren dy't mei beskiedend binne.

10

Der is noch in oare reden om it ferskil tusken 'min' en 'geef' Frysk wat te relativearjen. Wat yn it iene Fryske dialekt goed is, kin yn it oare wol hiel ferkeard wêze. As in Klaaiker seit: 'Ik fiel my *heel* goed', dan falt yn prinsipe neat op syn 'heel' oan te merken: dat is yn it Klaaifrysk al sûnt ieuwen de gebrûklike foarm (dy't streekrjocht op it Aldfrysk tebekgiet). As in Wâldman lykwols sizze soe: 'Ik fiel my *heel* goed', dan is de kâns grut, dat de 'ee' op it Hollânsk weromgiet. Yn dat gefal soe sa'n persoan wol min Frysk prate. Wy moatte dus goed thús wêze yn 'e Fryske dialekten om sizze te kinnen oft in foarm goed of ferkeard is.

Dialektyske farianten rekkenje wy dus ta 'geef' Frysk. Dat is fan dy gefolgen, dat der foar ien begryp faak ek mear wurden tastien binne. Om nochris op it foarbyld fan hjirboppe werom te kommen: 'hiel', 'heel' en 'heul' binne yn us opfetting alle trije goed (dialektysk) Frysk. Dat faak de foarkar oan ien foarm jûn wurdt, hat redenen dêr't wy noch op komme. Noch wat foarbylden fan dialektyske farianten binne: 'do' en 'dû', 'krom' en 'krûm', 'each', 'eech' en 'êch', 'hûs' en 'hús', 'sneon' en 'saterdei', 'gien' en 'gongen, 'harke' en 'riuwe'. Sa't oan de foarbylden ek al bliken docht, lizze de ferskillen tusken de Fryske dialekten gauris op it mêd fan it lûd.

Foar de dúdlikens moatte wy hjirre noch wat fierder op de Fryske dialekten yngean. It Frysk hat trije (en neffens oaren fjouwer) haaddialekten: it Klaaifrysk, it Wâldfrysk, it Súdwesthoeksk en eventueel it Noardhoeksk (dat yn 'e Dongeradielen praat wurdt). De ferskillen tusken dy tongslaggen binne navenant lyts, yn alle gefallen net sa grut, dat de Friezen inoar net ferstean kinne. De wichtichste grûnslach fan wat yn de 'Taalspegel' 'geef Frysk' neamd wurdt, foarmet it Klaaifrysk. Dat is neat gjin niget: de Klaai wie fan âlds it ekonomyske en kulturele sintrum fan Fryslân. De Wâlden binne (troch yndustrialisaasje) pas sûnt de twadde wrâldoarloch opkommen. Mei dêrtroch hat it Wâldfrysk ek mear status krigen. Mei it Súdwesthoeksk leit it nei alle gedachten noch altiten wat oars. It is opfallend hoefolle Súdwesthoeksters oft fan harsels sizze, dat se net goed Frysk prate. Foar safier't it giet om ynterferinsjes binne wy dat mei har iens, mar faak bedoele se ek eigen (goed-Fryske) dialektfoarmen, lykas 'skunnen' en 'buse'.

Wy hawwe hjirfoar skreaun dat de belangrykste grûnslach fan it

Frysk yn de 'Taalspegel' it Klaaifrysk is. Dat Frysk, ek wol bekend as it 'echte', it 'suvere', it 'AFUK'- of 'Boekefrysk', neame wy 'Standertfrysk' en dat hâlde wy yn ús boek sa folle mooglik oan. It Standertfrysk is de taal dy't yn 'e wurdboeken en grammatika's fêstlein is. It is de taal dêr't de learmiddels yn skreaun binne en ek de (measte) boeken dy't mei-inoar de Fryske literatuer foarmje. Faak wurdt sein, dat it suverste Frysk yn Grou praat wurdt. Dat sechje sil wol yn 'e wrâld kommen wêze omdat Grou oer it lân lang yn it isolemint (dat in taalkonservearjende ynfloed hat) ferkeard hat. Boppedat wiene de Halbertsma's Grousters. As der al ea wat wier west hat fan de taalsuverens yn Grou, dan is dêr hjoeddedei yn alle gefallen net folle mear fan werom te finen.

It ferskil tusken it Standertfrysk en it Hollânsk wurdt faak sa grut mooglik hâlden. Dêrom wurde op harsels goed-Fryske foarmen as 'heel', 'belangryk', 'beslist', ensfh. mijd te'n geunste fan 'hiel', 'wichtich' en 'perfoarst'. It Standertfrysk befettet gâns ferâldere wurden en útdrukkingen (mei in frjemd wurd *argaïsmen*), lykas 'jerne' neist 'graach', 'eat' foar 'wat' en 'jitte' foar 'noch' en 'fan it frjemde suvere' taalfoarmen (*purismen*), lykas 'rinstek' foar 'loophek' en 'taalsuverder' foar 'purist'.

Ynterferinsjes út it Hollânsk wurde yn it Standertfrysk altiten keard. Der is dus gjin romte foar wurden as 'neus' foar 'noas', 'sleutel' foar 'kaai', 'byfoarbeeld' foar 'bygelyks', 'erch' foar 'slim', 'skaatsen' foar 'redens', ''s nachts' foar 'nachts', 'buitsje' foar 'buike', 'sifertsje' foar 'siferke', ensfh.

It Standertfrysk is foaral in *skriuwtaal*. As it sprutsen wurdt, dan is dat benammen by 'offisjele' gelegenheden, bygelyks by de útrikking fan in Frysk boek, by in lêzing of op in kursus Frysk. De 'gewoane man', d.w.s. miskien wol 99% fan de Fryskpraters brûkt gjin Standertfrysk, hy praat 'gewoan', 'oars', 'net it echte Frysk' of sels 'ferkeard' om mar in pear

Ut: *L.C.*, 7 - 3 - '81

kwalifikaasjes te neamen. It is eins skoan te begripen, dat de gewoane man sa praat: hy hat it Standerfrysk net leard en der wurdt fan him yn 'e regel letter ek net ferwachte, dat er it yn 'e macht hat. De maatskippij ferget jin wol op 'e behearsking fan it Algemeen (Beschaafd) Nederlands, net of folle minder op it brûke kinnen fan it Standertfrysk.

It is net sa, dat der mar ien soarte (goed) Frysk wêze soe. Wy hawwe al sjoen, dat yn it Frysk faak gâns (dialektyske) fariaasje mooglik is. It Frysk hat fan datoangeande in helte 'liniger' en 'losser' taalnoarm as it Hollânsk. Dat sil grif gearhingje mei it ferskillende plak fan de beide talen. It Frysk hat ieuwenlang hast allinne mar sprektaal west, wylst it Hollânsk al ieuwenlang ek skriuwtaal is. Mei't dy skriuwtaal ek ûnderwiistaal waard, krige it Hollânsk, d.w.s. yn 'e kearn it Kennemer dialekt, in hieltiten fierder geande normearring en uniformearring. Dat is altiten it gefal mei talen dy't foar it ûnderwiis en oare 'formele' gelegenheden brûkt wurde. It ûnderwiis hat noait de kâns krigen om dat ek mei it Frysk te dwaan, om't it (hast) net ûnderwiisd waard. No't dat de lêste jierren tige oan it feroarjen is, mei men ferwachtsje, dat it Frysk hieltiten mear in ienheid wurde sil, wat benammen foar de dialektyske farianten ferlies betsjutte sil.

De ynfloeden út it Hollânsk wei binne o sa sterk en dat kin ek hast net oars. Wy sille tige yn it koart in stikmannich oarsaken neame fan de noch hieltiten tanimmende druk fan it Hollânsk. Fryslân stiet op polityk, ekonomysk, sosjaal en kultureel mêd net op himsels, it is ôfhinklik fan of sels ûndergeskikt oan in grutter ferbân: Nederlân, it Westen, de wrâld. Dat gruttere ferbân is beskiedend foar de sitewaasje yn Fryslân. In ekonomyske krisis yn de Feriene Steaten kinne wy like min foar wei as de top-40 yn Hilversum. Dat hat nivellearring ta gefolch, ek foar de taal. De nei-oarlochske opkomst fan de yndustry (b.g. Philips yn Drachten), de dêrmei gearhingjende stream fan Hollânsktalige ynkommelingen, de mingde houliken, de learplicht, dy't makke hat, dat elkenien, ek yn Fryslân, in goede kennisse fan it Hollânsk krige, de mobiliteit (ynklusyf it toerisme), de geweldige ûntjouwing fan de massamedia (earst radio, letter ek televyzje), de feramtliking en burokratisearring fan it deistige libben, it folslein ferskillende plak yn b.g. rjocht, godstsjinst, wittenskip, technyk, ensfh., ensfh. bedrige it Frysk yn twadderlei opsicht: kwantitatyf en

kwalitatyf. Dêr komt noch by dat, mei troch de ieuwenlange ynfloed fan Hollân op Fryslân, de taalkundige ferskillen tusken it Frysk en it Hollânsk navenant lyts binne; yn sa'n gefal kin de oerhearskjende taal nammerste makliker de ûnderlizzende taal beynfloedzje of sels út it stee wrotte.

De ynfloed fan it Hollânsk is yn de hiele taal oan te wizen. It hoecht jin gjin nij dwaan, dat it Frysk yn dy gefallen, dat it (noch) gjin eigen wurden hat, út it Hollânsk of (oer it Hollânsk) út in oare taal (Ingelsk) lient. Foarbylden: 'leefbaar' en 'computer'. Mar ek as it Frysk wol eigen foarmen hat, is de oermacht fan it Hollânsk faak te grut. It Frysk mei fan âlds mei rjocht en reden in boeretaal yn 'e letterlike sin fan it wurd hite. Men soe sizze, dat it Frysk dan krekt op dat mêd sterk stiet, mar dat is sa net. It bewiis dêrfoar jouwe jin wurden as 'boe(r)derij', 'gier', 'kunstmest', 'ligboks', 'roaie', 'poaters', 'dorse', 'graan', 'tarwe', 'feulen' en 'lam'. It is net om 'e nocht, dat it 'Fries Landbouwblad' en 'Ons Friese Platteland' in *List mei Fryske boerewurden* publisearre hawwe. Ek foar oare, faak hiel gewoane begripen docht in Fries gauris in berop op syn behearsking fan it Hollânsk. Foarbylden: 'es', 'flier', 'meidoarn', 'berk', 'narsis', 'madelyfje', 'belech', 'bo(a)terhamwo(a)rst', 'pap', 'soep', 'helemaal', 'steeds', 'telke(n)s', 'lente', 'herfst', 'buerfrou', 'bloede', 'welk', 'sich', 'hun', 'sleutel', 'huere', ensfh. ensfh.

As men de literatuer oer ynterferinsjes yn it Frysk lêst, moat men de yndruk krije, dat it by de beynfloeding troch it Hollânsk eins hieltiten om losse wurden giet. Dat is perfoarst net sa. It hiele Fryske taal*systeem* wurdt oantaast. Wy jouwe in stikmannich foarbylden.

1. It *lûd* kin ferhollânskje. As 'skâns' as 'skans' útsprutsen wurdt, dan is it Hollânske lûd oernommen. Nammen steane tige sterk ûnder ynfloed fan it Hollânsk. Te tinken is bygelyks oan 'Hâns' - 'Hans', 'Prins' (mei de 'i' fan 'minske') - 'Prins' (mei de 'i' fan Minne en in dúdlik útsprutsen n), 'Hiemstra' (mei de 'ie' fan 'hiem') - 'Hymstra' (mei de 'y' fan 'flym'), 'Koas' - 'Koos', 'Groen' (mei de 'oe' fan 'gedoente') - 'Groen', ensfh.

Yn de boppeneamde gefallen giet it om *ynterferinsjes yn de fonology/fonetyk* of *fonologyske/fonetyske ynterferinsjes* (fonology is

lûdlear).

Ut: *L.C.*, 20 - 12 - '83

2. Ek de *foarm* fan it wurd kin ferhollânskje, bygelyks trochdat de útgong fan in tiidwurd de Hollânske bûging kriget. Wy sizze yn it Frysk: 'ik sykje', 'do kloppest', 'ik stroffele', 'sy hat oanbelle', wylst it Hollânsk dêr 'ik zoek', 'jij klopt', 'ik struikelde' en 'zij heeft aangebeld' foar hat. Dy Hollânske foarmen binne ferantwurdlik foar yn tal sterk oanwinnende ynterferinsjes as 'ik syk', 'do klopst', 'ik stroffelde' en 'sy hat oanbeld'. In oar foarbyld. In lytse finger is yn it Frysk in 'fingerke'. Sa ek: 'siferke', 'kabouterke', 'sigaarke'. Mei't it Hollânsk 'vingertje', 'cijfertje', 'kabouterje' en 'sigaartje' hat, komme yn it Frysk mingfoarmen as 'fingertsje', 'kaboutertsje', 'sifertsje' en 'sigaartsje' foar.

Al de neamde foarbylden ûnder 2 binne *ynterferinsjes yn de morfology* of *morfologyske ynterferinsjes* (morfology is de *lear fan it wurd en de wurddielen*).

3. De *bou fan in sin* is yn it Frysk wolris oars as yn it Hollânsk. In Fries seit: 'Ik hoopje, dat er gau komme kin', in Hollanner: 'Ik hoop, dat hij gauw kan komen' (of: 'komen kan'). Dy Hollânske wurdfolchoarder hawwe (benammen jongere) Friezen al hiem. Dy sizze dan: 'Ik hoopje, dat er gau kin komme.' Yn sa'n gefal giet it om *ynterferinsjes yn 'e syntaksis* of *syntaktyske ynterferinsjes* (syntaksis is *sinlear*).

Ut: *L.C.*, 31 - 8 - '83

4. Yn in protte gefallen wurdt it Hollânske *wurd* mei ham en gram oernommen. Wy hawwe dêr al gâns foarbylden fan jûn: 'berk', 'sleutel', 'steeds', ensfh. Dat binne *leksikale* ynterferinsjes (lekseem is *wurd*).

Ut: *L.C.*, 9 - 6 - '82

5. In wurd kin op himsels Frysk wêze en neffens de foarm ek Frysk bliuwe, mar dochs ferhollânskje. In pear foarbylden. Yn it Frysk wurdt fan âlds ûnderskie makke tusken 'besykje' en 'probearje'; 'probearje' is 'de proef nimme' ('nije ierappels probearje'), 'besykje' is 'neigean oft it ien of oar kin' ('ik sil besykje om op 'e tiid te kommen'). Ferlykje ek it Dútsk, dat in soartgelikens ûnderskied makket: 'versuchen' en 'probieren'. It Hollânsk hat foar beide begripen mar ien wurd: 'proberen'. Dêrtroch meitsje in protte Friezen it ferskil yn it Frysk ek net mear en brûke se foar de beide begripen it wurd 'probearje'. M.o.w., de betsjutting fan 'probearje' wurdt útwreide mei dy fan 'besykje'. In soartgelikens gefal hawwe wy mei 'buorkerij' ('bedriuw') - 'pleats' ('gebou' + 'lân'). Mei't it Hollânsk allinne mar 'boerderij' hat, moat 'pleats' by in protte Friezen wike foar 'buorkerij' (of sels 'boe(r)derij'). Wy prate dan fan *ynterferinsjes yn de semantyk* of *semantyske ynterferinsjes* (semantyk is *betsjuttingslear*).

Nije ierappels probearje . . . Besykje se mar ris der troch te krijen . . .

6. Yn gâns gefallen wurdt itselde *net* mei deselde wurden sein, der is ferskil tusken it Frysk en Hollânsk op it nivo fan it *taalgebrûk*. Sa winskje Friezen inoar oan it begjin fan it nije jier 'Folle lok en seine' ta, wylst Hollanners dan 'Veel heil en zegen' sizze. Dochs komme beide winsken op itselde del. 'Folle heil en segen' soe dus in ynterferinsje wêze, krekt lykas b.g. 'Ferbeane tagong' (foar it wol goede

'Tagong ferbean'). Yn boppeneamde gefallen prate wy fan *ynterferinsjes yn de pragmatyk* of *pragmatyske ynterferinsjes* (pragmatyk is *de lear fan it taalgebrûk*).

Ut: *L.C.*, 22 - 11 - '80

Der wurdt wol oannommen, dat fan âlds it suden fan Fryslân mear as it noarden iepen lei foar ynterferinsjes. Dat soe sjoen de lizzing hiel skoan te begripen wêze. Der binne oanwizingen dat dy tsjinstelling tusken noardlik en súdlik Fryslân hjoeddedei noch min ofte mear opgiet. Dêrneist meie wy û.m. op grûn fan ûndersyk yn Abbegea, oannimme, dat de jongeren mear ûnder ynfloed fan it Hollânsk steane as de âlderen. Ek dat is wol te ferklearjen: de macht fan it Hollânsk wurdt noch hieltiten grutter en dêr sille de jongsten it measte fan meikrije.

By wize fan folsleinens diele wy hjirre noch mei, dat ek ynfloed fan it Frysk op it Hollânsk foarkomt. Dy 'stream' is lykwols folle lytser as dy fan it Hollânsk nei it Frysk. Benammen Frysktaligen dy't (noch) net sa goed Hollânsk prate kinne, hawwe yn har Hollânsk Fryske eleminten. Wy tinke foaral oan bern of folwoeksenen mei in breklike skoaloplieding. It Bokwertersk jout dêr in moai en mei sin wat oerdreaun foarbyld fan. Yn 'Ik heb te vissen geweest' is de Fryske ynfloed sa klear as in klûntsje, mar dy kin ek tige ûngemurken syn beslach krije, lykas yn de staveringsútspraak 'Dat is *z*ijn zaak' yn stee fan 'Dat is *s*ijn zaak'. De útspraak fan in frjemde taal, likefolle hokker, is slim om oan te learen. Ien kin in frjemde taal noch sa goed leare, syn aksint ferriedt him eins altiten.

It hjoeddeiske Frysk beynfloedet it Hollânsk net of amper mear. Yn it ferline binne noch wol spoaren fan sa'n beynfloeding te sjen. Wy tinke oan wurden as 'tjotter', 'tjalk' en 'bruiloft'. Ta de seldsume foarbylden fan hjoeddeiske leksikale ynfloed fan it Frysk op it Hollânsk hearre 'skûtsjesilen' en 'fierljeppen'. Ek Fryske plak- en eigennammen (mar dy falle bûten it eigentlike taalsysteem) binne wol yn it Hollânsk opnommen. Foarbylden fan plaknammen: 'Franeker' (út it Aldfryske

'frana-eker') en 'Tietjerk'.

As der neat dien wurdt oan de Hollânske druk, sil it Frysk hieltiten fierder ferhollânskje, it sil op 'en doer yn taalkundige sin grif in dialekt fan it Hollânsk wurde. It Frysk sil m.o.w. as selsstannige taal yn 'e knipe komme. Wa't taal allinne mar sjocht as kommunikaasjemiddel, sil dat net sa slim achtsje: hoefolle ynterferinsjes oft der ek yn it Frysk komme, se sille de fersteanberens noait yn 'e wei stean, want elke Fries ken ommers ek Hollânsk. Oaren sille it fersuterjen fan it Frysk as in grut ferlies sjen en sille dêr wat oan dwaan wolle.

It is fansels de fraach hoefolle fertuten oft it tsjinkearen fan ynterferinsjes dwaan kin. Der is lykwols ien ljochtpuntsje. It Frysk hat tsjin alle ferdrukking yn ta in hichte de tiid mei. Wy tinke dêrby benammen oan it hieltiten grutter wurdende plak fan it Frysk yn it ûnderwiis en it amtlike ferkear. It ûnderwiis kin mear as wa en wat ek, beskiedend wêze foar de takomst fan it Frysk.

Wy hawwe hjirfoar al sjoen, dat it Frysk by tanimmend gebrûk yn formele fermiddens hieltiten mear in ienheid wurdt, hieltiten mear standerdisearret. It ûnderwiis, ensfh. kin no ien kear net sûnder in (betreklik) fêste noarm. As yn in taal 'alles' mooglik wie, dan soe dy net ûnderwiisd wurde kinne. In dúdlik foarbyld fan de needsaak fan in fêste noarm is de stavering. It is dus praktysk needsaaklik om in fêste noarm te hawwen. In fierdergeande normearring sil oan 'e iene kant ynterferinsjes min ofte mear keare, mar, sa't wy al opmurken hawwe, oan 'e oare kant sûnder mis de deastek foar dialektyske farianten betsjutte. De bân tusken it Standertfrysk en de Fryske dialekten soe meiertiid wolris like los wurde kinne as dy tusken it A(B)N en de Hollânske dialekten. It Frysk sil abstrakter wurde en yn sekere sin ferearmje.

18

It ûnderwiis sil de ynstelling wêze (moatte) dêr't 'wat' oan ynterferinsjes dien wurdt. Tige algemien nommen soe it ûnderwiisprogramma foar ynterferinsjes de neikommende útgongspunten hawwe kinne:

1. jou de learlingen in goed oersjoch fan de hiele ynterferinsjeproblematyk. It hieltiten wer neamen fan deselde of soartgelikense ynterferinsjes (dat eins yn alle learmiddels dien wurdt) hat net folle doel. Op sa'n manear kriget de learling gjin each foar systematyske beynfloeding fan it Frysk troch it Hollânsk;
2. bring de learlingen yn kontakt mei goed en brûkber (dat hoecht net altiten itselde te wêzen) Frysk, yn 'e hope dat se dêr it ien en oar fan oernimme sillle. Brûk as learaar in linich soarte Frysk dat de learlingen oansprekt;
3. besykje de learlingen sa fier te krijen, dat se op grûn fan in sa breed mooglike oriïntaasje selsstannich ta in taalnoarm komme. It bewust kiezen fan in taalnoarm is helte better as it kritykleas oernimmen fan hokker taalnoarm dan ek;
4. besteegje sa min mooglik aparte lessen oan ynterferinsjes, it effekt koe dan wolris earslings wêze. Gean leaver út fan taalgebrûkssitewaasjes. Sa komt de ynterferinsjeproblematyk op in min ofte mear natuerlike en organyske manear oan 'e oarder. It is fan belang om it ûnderwerp geregeldwei op it aljemint te bringen; it sil fan oanhâlden komme moatte;
5. feroardielje learlingen net fuortendaliks fanwegen it brûken fan ynterferinsjes. Se witte faak net iens dat se it dogge. En betink boppedat, dat net ien fan ús frij fan Hollânske ynslûpsels is.

Hollânske ynslûpsels . . .

19

Út: Pieter Breuker e.o; Foar de taalspegel

Taheakke C. UTSPRAAKREGELS

1.1. Koarte ienlûden

Lûd wurdt yn 't Frysk skreaun as:	Foarbylden yn 't Frysk	Foarbylden yn it Nederlânsk
a	pak, bakke, sa	pak, bakken
e	pet, sette	pet, zetten
i	pit, sitte	pit, zitten
y, i	fyts, type, titel	fiets, typen, titel
u, e, i	put, nuttich, de it, in, hearlik	put, nuttig, de, heerlik
ú, u	tún, tunen, minút	minuut, nu
û, oe	hûn, boek, hoeken	boek, hoeken
o (1)	bok, domme	bok, dommme
o, a (1)	hok, dokter, doch jas, man(2)	hok, dokter, toch

1. It ferskil tusken dizze twa o-lûden is foar Nederlânsktaligen faak net sa maklik omdat beide lûden yn 't Nederlânsk gauris trochinoar brûkt wurde en gjin betsjuttingsferskil oanjouwe. Yn 't Frysk is dat wol it gefal en kinne de beide lûden net trochinoar brûkt wurde.
2. De 'a' wurdt útsprutsen as in 'o' foar de letters: s, l, d, t, n (ezelsbrechje: soldaten). . Utsûnderingen dêrop binne: de 'a' foar nk/ng (bang, lang), hat, hast, master,
twadde en in pear wurden dy't út it Nederlânsk oernommen binne.

Opdrachten

A: Lês lûdop
1. De man hat it wol o sa drok.
2. It famke skopt tsjin de bal.
3. De bok sit op it hok.

B: Lês lûdop en bepraat de betsjutting
1. sokke sokken
2. hokker hok
3. de holle yn de holle beam
4. de pod sit yn de pot
5. kopkes en kopkes

1.2. Lange ienlûden

Lûd wurdt yn 't Frysk skreaun as:	Foarbylden yn 't Frysk	Foarbylden yn it Nederlânsk
aa, a	baas, prate, twa	baas, praten
ee, e	feest, slepe, see	feest, slepen, zee
ê, e	stêd, bêden, bern	crêpepapier, crème
ii, i	fiif, tsiis, tiden	Ingelsk: to leave, cheese
oo, o	pook, smoke	pook, roken
ô	bôle, kontrôle	controle
â	sân, âld, wâl	Ingelsk: corner, wall
eu	reus, keuken	reus, keuken

ú, u	drúf, suver	Dútsk: über, gemütlich
û, oe	hûs, koeke	Dútsk: gut, Blut

Opdrachten

A: Lês lûdop
1. Dêr krûpt in mûs ûnder it bêd.
2. Ik yt fiif stikken bôle mei tsiis.
3. Dy drúf is my te soer.
4. Hy sit mei syn hân yn it sân.
5. Sân bern freegje yn 'e keuken om koeke.

1.3. Twalûden (mei klam op it earste diel fan it twalûd)

Lûd wurdt yn 't Frysk skreaun as	Foarbylden yn it Frysk	Foarbylden yn it Nederlânsk
ai, ei	laitsje, heit(1)	sit tusken Ned. 'ai' en 'ei' yn
aai	kaai, swaaie	'a' is langer as yn 'ai'
au, ou	nau, blauwe, hout	nauw, blauwe, hout
ea	beam, bearen	allinne foar 'r': beer
eau	bleau, leauwe	sawat as: 'joow' of 'eu' yn kleur
eo, eu	sneon, kleur	kleur, deur
ie	bier, snie, sliepe	allinne foar 'r': bier
ieu	kieu, ieu	kieuw, nieuw
ij,	frij, krije, wy(2)	vrij, reis
iuw	liuw, bliuwe	sawat as: 'joow' of '(i)uuw'
oa	doar, boaten	allinne foar 'r': boor
oe	hoed, boeren(3)	allinne foar 'r': boer
oai	moai, goaie	mooi, gooien
oei	bloei, groeie	bloei, groeien
ue	natuer, flues	allinne foar 'r': natuur
ui	bui, fluitsje	bui, fluiten

1. Yn 'e Klaaihoeke fan Fryslân is de útspraak fan 'ai' en 'ei' gelyk: ntl. 'oi'. Yn 'e Wâlden fan Fryslân komt it 'ei'-lûd oerien mei de 'ij' fan 'frij'. De '(a)ai' wurdt yn 'e Wâlden útsprutsen as '(a)ai'.
2. De 'y' wurdt yn 'e Klaaihoeke útsprutsen as in 'ij' yn de wurdsjes: my, dy, hy, sy, wy, by. Yn 'e Wâlden wurdt de 'y' altyd útsprutsen as de Nederlânske 'ie'.
3. De 'oe' wurdt ek brûkt foar in koart en lang ienlûd (sjoch les 1). Foar de 'd', 't', 'l' en 'r' is de 'oe' lykwols altyd in twalûd.

Opdracht

A. Lês lûdop
1. It waaide goed hurd en de houten doar kreake.
2. In heale bôle is wat oars as in hiele bôle.
3. Bliuw noch mar efkes yn 'e keamer sitten, want der komt in bui oan.
4. Heit stie ús sneintemoarn út te laitsjen yn 'e rein.
5. Sy bleau by it nije, blauwe gebou stean.
6. Wy meitsje dy wite, wide broek hielendal wiet.
7. Wy meie dy moaie, griene beam sneon snoeie.
8. Yn 'e skilderkeunst fan de tweintichste ieu sjochst sokke figueren wol faker.

1.4. Trijelûden

oai	moaier, moaist	útspraak: 'uai'(1)
uoi	muoite, muoike	útspraak; 'uoi'

1. Dit trijelûd wurdt ek wol útsprutsen as it twalûd 'oai' yn 'moai'.

Opdracht

A. Lês lûdop
1. Muoike sei: ‘It hat my in soad muoite koste.’
2. De muoikesizzers wiene allegearre op it jierdeisfeest.
3. Dit jaske is wol moai, mar dat reade jaske fyn ik it moaiste.

1.5. Brekking

De Fryske twalûden *ea*, *ie*, *oa* en *oe* kinne feroarje fan lûd as it wurd mei dat twalûd langer makke wurdt. Dy lûdsferoaring wurdt brekking neamd. De klam ferspringt dan fan it earste
diel fan it twalûd op it twadde diel. Brekking kin ûntstean by meartalsfoarming, ferlytsing, gearstallingen en ôfliedingen fan in wurd. By brekking feroaret:
de *ea* yn in *jè*-lûd, bgl. beam - beammen, beamke, beamwâl
de *ie* yn in *ji*-lûd, bgl. stien - stiennen, stientsje, stienkrobbe
de *oa* yn in *wa*-lûd, bgl. doar - doarren, doarke
de *oe* yn in *wo*-lûd., bgl. stoel - stuollen, stuoltsje

It lestige is, dat der net in fêste regel is fan wurden dy't brekking krije. Oan de skriuwwize is it ek net te sjen, allinne wol by de 'oe'(stoel - stuollen). By meartalsfoarmen is de
brekking wol werom te finen yn de skriuwwize. De bylûden nei it brutsen twalûd wurde nammentlik ferdûbele (beam - beammen).
Ek foar in kombinaasje fan bylûden wurde de 'ea', 'ie', 'oa' en 'oe' faak brutsen.
Hjirûnder folget in listke fan wurden dy't faak foarkomme en dêr't fan oanjûn wurdt oft se brutsen wurde by it langer meitsjen.

ea: net brutsen: bear - bearen - bearke
sa ek: reach, pleach, lear, dream, tear, stream, hear, kear
wol brutsen: tean - teannen - teantsje
sa ek: bean, fear, keal, earm, peal, heak

ie: net brutsen: liet - lieten - lietsje
sa ek: klier, dief, siel, skries, diel, kiel, hier (huur)
wol brutsen: kies - kiezzen -kieske
sa ek: tried, priem, blier, stien, jier, trien, hier (haar)

oa: net brutsen: boar - boaren - boarke (mar wol yn: boarje!)
sa ek: spoar, boat, koar, roas, noas
wol brutsen: doar - doarren – doarke

oe: net brutsen: boer - boeren - boerke (mar wol yn: buorkje en buorkerij)
sa ek: doel, boel
wol brutsen: foet - fuotten – fuotsje
sa ek: stoel, boerd, toer, koer, goes

Nb.
* ea: Itselde twalûd as yn 'e beammen is ek te hearren yn wurden sa as hjerst, ljedder en kjeld. Dêrby giet lykwols net om gefallen fan brekking (it binne gjin ôfliedingen fan wurden
mei 'ea') en wurde dêrom net mei 'ea' mar mei 'je' skreaun.
* ie: Itselde jildt foar wurden sa as strjitte, hjir en gjin. Dy wurde krekt sa útsprutsen as de brutsen foarmen 'stiennen, jierren, ensfh.'
*oa: Dêrby wurde alle wurden mei en sûnder brekking, mei ‘oa’-lûd en mei ‘wa’-lûd mei ‘oa’ skreaun. Dus ek wurden dy’t gjin ôflieding fan in oar wurd binne krije ‘oa’, bygelyks doarp, foar, skoalle, foarke.
*oe: Wurden mei ‘oe’ dy’t brekking krije wurde mei ‘uo’ skreaun. Ek oare wurden mei de ‘wo’-útspraak dy’t gjin ôflieding fan in oar wurd binne, wurde mei ‘uo’ skreaun.

Opdrachten

A: Sykje de betsjutting op fan de wurden dyst net kinst en oefenje de útspraak

B: Lês lûdop:

1. Dit jier wie foar guon soarten blommen de bloeitiid earder foarby as oare jierren.
2. Yn dy lange stiennen muorre sieten fjouwer griene doarren.
3. Hjir hearst yn 'e hjerst de fûgels yn it beamkeguod sjongen.
4. Ik stroffele oer de skuon en foel op 'e earmtakke.
5. Earst fleane de ljippen fuort en dan de guozzen.

C: Oefenje ek mei it folgjende stikje

Us strjitte leit in eintsje bûten de stêd. Dêr steane de huzen net ticht byinoar. Oerbuorlju hawwe wy net, want oan 'e oare kant fan ús strjitte steane gjin huzen. In moaie achtertún hawwe wy en ek noch in lytse foartún. Lantearnepeallen steane mar oan ien kant. Hjir en dêr steane beammen oan 'e kant fan de strjitte. Dêrachter is in smelle berm en in feart dy't nochal breed is. Ferkear is der net folle by ús yn 'e strjitte. Der rinne twa famkes mei in kuorke yn 'e hân. Dy moatte grif boadskipje.

1.6. Noaslûden

As yn it Frysk yn in wurd de letter n folge wurdt troch in *s*, dan feroaret dy *n* yn in noaslûd. Hearst hast gjin *n* mear. Dêrby kin it lûd foar dy *n* feroarje yn in langer lûd of in twalûd. De *i* bygelyks kin dêrtroch feroarje yn *ee*-lûd.
Foarbylden dêrfan binne it wurd minske, dat wurdt útsprutsen as mee^{n}ske en prins dat útsprutsen wurdt as pree^{n}s.
Wy neame dat ferskynsel nasalearring. Ek yn it Frânsk komt dat foar yn wurden sa as 'onze', 'quinze'.
Nasalearring komt ek foar as de *n* folge wurdt troch de j, f, l, k, g, m, r, w. By dy gefallen wurde de lûden foar de *n* lyk-wols net langer.

Foarbylden yn it Frysk:

wi*n*st, fi*n*ster, mi*n*ske
we*n*je, oa*n*freegje, oa*n*lizze, oa*n*komme,
y*n*goaie, oa*n*moanning, oa*n*rin, oa*n*wize

Opdracht

A: Oefenje lûdop boppesteande bylûden en lês dêrnei ûndersteande sintsjes lûdop.

1. Sy wenje al jierren yn Grins.
2. Sneins en woansdei kinst dêr terjochte.
3. Hasto al in plaatsje foar beppe oanfrege?
4. De arsjitekt hat in moaie tún oanlein.
5. Sy hie in protte oanrin mei har jierdei.
6. Yn Harns hat sy my de stiennen man oanwiisd.

1.7. Stomme letters

Yn it Frysk binne der in oantal bylûden dy't yn bepaalde letterkombinaasjes wol skreaun mar net útsprutsen wurde.

f De **f** wurdt net útsprutsen yn it wurdsje 'ôf' en gearstallingen dêrmei. Ek yn it wurdsje 'oft' wurdt de **f** net útsprutsen. Foarbylden: ôffalle, ôfwaskje.

h De **h** is stom foar in 'j'. Foarbylden: hjoed, hjir, hjerst.

l De **l** is stom yn de kombinaasjes **-âld** en **-âlt**.
Foarbylden: âld, hâlde, wrâld, sâlt.
De **l** wurdt ek net útsprutsen yn de kombinaasje **-old** (hy hold my fêst).
Ek foar **st** is de **l** stom. Foarbylden: silst, wolst.

r De **r** wurdt net útsprutsen foar de letters **s, l, d, t, n** (ezelsbrechje: soldaten) en **z**.
Foarbylden: swart, burd, bern, gers, learzens.
As it foarheaksel **fer-** en **foar-** folge wurdt troch in bylûd, dan wurdt de **r** ek stom. Allinnich net foar de **h**.
Foarbylden: ferbiede, foarnamme.

t De **t** wurdt net útsprutsen foar **k** en **st**. Foarbylden: kastke, do moatst.

d De **d** wurdt net útsprutsen foar **st**. Foarbylden: do rydst, do wurdst.

Opdracht

A: Sykje in lêstekst út, lês dy lûdop foar en streekje de stomme letters oan.

1.8. g en slot -n

De **g** oan it begjin fan in wurd (en yn gearstallingen en ôfliedingen ek midden yn in wurde) is net de Nederlânske **g** fan 'gaan' en 'geven'. De **g** wurdt yn it Frysk yn dy gefallen útsprutsen as in stimhawwende **g** lykas yn it Ingelsk, Frânsk en Dútsk. Foarbylden: goed, goud, oangenaam, gean, útgean, graach.
Yn it Frysk wurdt de slot-n fan wurden dúdlik útsprutsen wylst dat yn it Nederlânsk folle minder it gefal is. De net-Frysktaligen moatte dêr goed om tinke omdat de útspraak op -e net Frysk is.

Taheakke D. STAVERINGSREGELS

A. GEWOANE WURDEN

1. DE REGEL FAN F/V EN S/Z

De f, v, s en z kinne foarkomme op de folgjende plakken yn in wurd:

	begjin wurd	**Midden wurd**	**ein wurd**
f / v	f	f / v	f
s / z	s	s / z	s

De útgong **-zje/-sje** op 'e ein fan in wurd komme beide foar.
Nei in wurd mei in **d** folget -**zje** (arbeidzje, stúdzje).
Nei in wurd mei in **t** folget **-sje** (wachtsje, genietsje).
Utsûnderingen binne de ferlytsingswurden. Dy krije altyd **-sje** (paadsje, kaartsje).

2. DE REGEL FAN DE OERGONGSLETTER W

Wannear moat der in w skreaun wurde en wannear net?

net in w	**al in w**
ein wurd ein wurdlid foar in bylûd	begjin wurd yn 'e kombinaasje -iuw tusken twa lûden

3. DE REGEL FAN DE G EN CH

Wannear moat der in g skreaun wurde en wannear in ch?

g	**ch**
begjin wurd begjin wurdlid foar in d foar -je by tiidwurden	ein wurd foar in s foar in t foar -je by ferlytsingswurden

N.b. Tink yn it midden fan in wurd efkes om it tal g's. By lang lûd ien g, by in koart lûd twa g's. Foarbyld: wy doge, wy dogge. Der binne in pear wurden dy't yn 'e midden ch krije, mar dy hawwe dat ek yn it Nederlânsk, bygelyks kachel, richel.

4. DE REGEL FAN I, Y, II EN IE

De regel is:

lûd	sletten wurdlid	lepen wurdlid	ein wurd
Koart: y	wyt	wi-te	Wy
Lang: ii	wiid	wi-de	
Twalûd: ie	wiet	wie-te	wie

N.b. de **i** wurdt ek brûkt foar in oar lûd nmtl. de **i** fan pit.

5. DE REGEL FAN EI, AI, AAI, IJ

De regel is:

stavering	útspraak op 'e Klaai	útspraak yn 'e Wâlden
Nij	Nij	nij
Naai	naai (mear in oi-lûd)	naai (mear in ai-lûd)
Nei	naai (mear in oi-lûd)	nij

ij: Alle wurden dy't op 'e Klaai as in 'ij' fan 'nij' en 'frij' útsprutsen wurde wurde mei ni 'ij' skreaun. Der binne seis útsûnderingen. Dat binne de wurdsjes: my, dy, hy, sy, wy, by. Dy wurde skreaun neffens de útspraak fan de Wâlden.

aai: In protte wurden mei 'aai' hawwe ek yn it Nederlânsk 'aai', bygelyks draaie, baai.

ai: De 'aai' kin ferkoarte wurde ta 'ai' yn: kaike, maitiid.
Fierder komt de 'ai' foar yn it tiidwurd 'laitsje'.

ei: As op 'e Klaai in wurd mei in 'aai' (oi) útsprutsen wurdt en yn 'e Wâlden mei in 'ij' dan wurdt der altyd 'ei' skreaun.
De wurden: moandei, tiisdei, woansdei, tongersdei, middei en jierdei wurde mei **ei** skreaun, mar as **'dy'** of **'dzje'** útsprutsen. Itselde jildt foar it achterheaksel **'-heid'** dat útsprutsen wurdt as **'-hyd'**.

6. DE REGEL FAN DE KAPKES EN STREEKJES

De regel is:

		sletten wurdlid	iepen wurdlid
streekje	u	tún	tu-nen
kapke	u e o a	hûn bêd rôt sân	hû-nen bê-den bô-le râ-ne

* Op in haadletter komt gjin kapke of streekje.
* Nei in kapke krijst gjin ferdûbeling fan it bylûd.
* Soms wurdt der op de 'e' in streekje setten om oan te jaan dat dy letter klam krijt, bygelyks yn oerémis.

* By in protte wurden dy't yn it grûnwurd in kapke hawwe, ferdwynt it kapke as it wurd langer makke wurdt. Dat is ek oan 'e útspraak te hearren.
  Foarbyld: hân - hannen, bêd - bedsje.

ê: Foar in 'r' wurdt it kapke op de 'e' meastal fuortlitten, bygelyks yn bern, beferzen, stjer. Utsûnderingen dêrop binne: dêr, wêr en de ê yn frjemde wurden.

â/ô: De útspraak fan beide lûden is gelyk.

Wannear wurdt der in â en wannear in ô skreaun?

â	**ô**
-foar lt/ld -foar in n	-foar in f -foar in k -foar in t -by doetiid sterke tiidwurden -tiidwurden einigjend op -gje

As it wurd net oan boppesteande kritearia foldocht, kinst noch sjen nei it Nederlânske wurd. Hat dat in **'a'** dan wurdt it yn it Frysk **'â'**. Hat dat wurd in **'o'**, dan wurdt it yn it Frysk **'ô'**.

Er, der en dêr

Frysk	*Nederlânsk*
der	er
dêr	daar
er	hij

N.b. As wy 'er' skriuwe moatte en dochs in 'd' hearre litte wolle,wurdt dy yn de stavering net keppele oan 'er' mar oan it tiidwurd: hied er it sein? Soed er komme?

7. DE REGEL FAN U EN OE

Wannear wurdt der in û en wannear in oe skreaun?

û	**oe**
- foar in n - wurd hat yn it Nederlânsk in ui - Fryske wurden, dy't yn 't Nederlânsk net deselde foarm hawwe	- foar in r - wurd hat yn 't Nederlânsk in oe - doetiid sterke tiidwurden (útsein foar in n) - as it in twalûd is

8. DE REGEL FAN DE LANGE LUDEN FOAR IN R

De regel is:

Foar de r kinst noait in lang ienlûd krije, allinne mar in koart ienlûd of in twalûd. Dat kinst ek sjen yn 'e skriuwwize fan wurden mei in r. Foar in 'r' komme gjin dûbele lûden foar, allinne in dûbele 'a' (aa) wol.

noait foar in r	twalûd foar in r
ee	ea
ii	ie
oo	oa
ú	ue
û	oe

De regel is:

* Midden yn in wurd sa min mooglik d's en t's brûke. As it om de útspraak kin ien 't' of 'd'.

* Ein wurd: ast it wurd langer makkest en hearst dan in 'd', dan skriuwst yn it koarte wurd ek in 'd' (bygelyks: paad -paden). Ast in 't' hearst, dan skriuwst yn it koarte wurd ek in 't' (bygelyks: kaart - kaarten).

* By tiidwurden tredde persoan notiid: stam + t (krekt as yn it Nederlânsk). Dêrtroch kinst ek 'dt' krije, bygelyks hy wurd+t = wurdt.

9. DE REGEL FAN DE D'S EN T'S

De regel is:

* Midden yn in wurd sa min mooglik d's en t's brûke. As it om de útspraak kin ien 't' of 'd'.

* Ein wurd: ast it wurd langer makkest en hearst dan in 'd', dan skriuwst yn it koarte wurd ek in 'd' (bygelyks: paad - paden). Ast in 't' hearst, dan skriuwst yn it koarte wurd ek in 't' (bygelyks: kaart - kaarten).

* By tiidwurden tredde persoan notiid: stam + t (krekt as yn it Nederlansk). Dêrtroch kinst ek 'dt' krije (bygelyks: hy wurd +t = wurdt).

10. DE REGEL FAN DE BREKKING

Brekking is de feroaring fan in twalûd as in wurd langer makke wurdt. Dat kin bygelyks as der fan in wurd in meartalsfoarm, ferlytsingswurd, in gearstald wurd of in ôflieding makke wurdt.
Brekking komt allinne foar by de twalûden:

* ie
* ea
* oa
* oe

De regel is:

De **ie** wurdt by brekking útsprutsen as **ji**, mar de skriuwwize bliuwt **ie**.
De **ea** wurdt by brekking útsprutsen as **je**, mar de skriuwwize bliuwt **ea**.
De **oa** wurdt by brekking útsprutsen as **wa**, mar de skriuwwize bliuwt **oa**.
De **oe** wurdt by brekking útsprutsen as **wo**, en wurdt mei **uo** skreaun.
foarbylden: stien stiennen stientsje stienkrobbe

beam	beammen	beamke	beamwâl
doar	doarren	doarke	
stoel	stuollen	stuoltsje	

* By meartalsfoarmen wurdt it bylûd achter de brutsen foarm altyd ferdûbele.

- Ast by wurden mei de útspraak **ji** en **je** gjin grûnwurd mei **ie** en **ea** oanwize kinst, dan wurdt der wol **ji** en **je** skreaun, bygelyks strjitte, hjerst.

útspraak	stavering: grûnwurd en brekking		stavering: gjin grûnwurd
	net brutsen	al brutsen	brutsen
ie/ji	ie	ie	ji
ea/je	ea	ea	je
oa/wa	oa	oa	oa
oe/uo	oe	uo	uo

* It **oa/wa-lûd** wurdt altyd mei **oa** skreaun, ek as der gjin grûnwurd mei **oa** oan te wizen is.
* De brutsen foarm fan **oe** wurdt altyd mei **uo** skreaun, ek as der gjin grûnwurd mei **oe** oan te wizen is.

Tink derom!
Net alle wurden mei **ie, ea, oa** en **oe** krije brekking.
Wol brekking: peal - peallen - pealtsje
Gjin brekking: bear - bearen - bearke

Der binne ek in tal wurden dy't yn it iene gefal wol en yn it oare gefal gjin brekking krije. Bygelyks:
Gjin brekking: boer - boeren - boerke, mar de ôflieding 'buorkerij' wol!
Gjin brekking: keamer - keamers, mar it ferlytsingswurd 'keammerke' wol!

Brekking by tiidwurden:

By tiidwurden kinst net de regel fan de brekking tapasse. Dochs binne der in tal tiidwurden mei **ie** en **ea** dy't mei in brutsen foarm útsprutsen wurde.
It giet om de tiidwurden:

- gean (notiid: do giest, hy giet)
- stean (notiid: do stiest, hy stiet)
- hear(r)e
- fiel(l)e
- spiel(l)e
- sliepe (notiid: do sliepst, hy sliept, alle doetiidsfoarmen en mulwurd)

Dizze tiidwurden kinne mei en sûnder brutsen foarm útsprutsen wurde. De foarm dy't brûkt wurdt, hinget fan it plak yn Fryslân ôf.
By hear(r)e, fiel(l)e en spiel(l)e wurdt de net-brutsen foarm mei ien r of l skreaun.

N.b. De tiidwurden: **moatte**, **boartsje** en **boarje** wurde altyd mei in brutsen foarm útsprutsen.

B. FRJEMDE WURDEN

Yn it algemien jildt foar de frjemde wurden: skriuwe sa as se útsprutsen wurde en neffens de Fryske staveringsregels. Ofwikingen dêrfan wurde yn de neikommende lessen behannele.

1. DE REGEL FAN EA/E, OA/O, UE/U

Mei klam: **ea**, **oa**, **ue**
sûnder klam: **e**, **o**, **u**.

foarbylden: Amearika - Amerikaansk , symboal-symbolyk, kultuer-kultureel

2. DE REGEL FAN C, Q, X EN CH

Yn it Frysk komt de **c** (allinne wol yn 'e kombinaasje ch), **q** en **x** net foar.
De **c**, **q**, en **x** wurde sa skreaun sa't se útsprutsen wurde.

c	> s of k	konsept
q	> kw of k	kwotum, kosjint
x	> ks	ekstra
cc	> ks	aksint

De **ch** skriuwe wy yn it Frysk ek sa't er útsprutsen wurdt.

ch	> g	gemy
	> k	kristen
	> s	sinees
	> sj	sjef

3. DE REGEL FAN DE STOMME H

De stomme **h** wurdt weilitten: allinne yn thús bliuwt er stean.
Foarbylden: tema, teory.

4. DE REGEL FAN -ENT EN -ENS

De Nederlânske letterkombinaasjes **-ent** en **-ens** wurde yn 't Frysk mei **-int** en **-ins** skreaun as se mei in **i** útsprutsen wurde.
Foarbylden: sintraal, studint, presinsje, kondins.

Utsûnderingen op dizze regel binne: kommentaar, identyk, dentaal, fentyl en fentilaasje.

5. DE REGEL FAN IT BYLUD + J

As yn in frjemd wurd nei in bylûd in **'j'** te hearren is yn it Frysk, dan wurdt dy **'j'** ek skreaun.

gn	> nj	sinjaal
ci	> sj	sosjaal
ti	> sj	inisjatyf
ll	> lj	kariljon
si	> sj	ekspresjonisme

Wurdeinen: It Nederlânske wurdein **-ie** wurdt yn it Frysk stavere mei:

- **y**, as it klam kriget: demokrasy, religy
- **je**, as it gjin klam kriget: ministearje

De ûnbeklamme wurdeinen wurde stavere mei:

-sje: By de Nederlânske útgong: -cie, -tie en -sie
Foarbylden: provinsje, edysje, kommisje.

-zje: As yn 'e útspraak in **z** te hearren is. Dat is it gefal by de folgjende útgongen yn Nederlânske wurden:

-ge	garaazje, privileezje
-lûd +sie	ynvaazje, telefyzje, fúzje, eroazje
-idie	subsydzje
-rsie	ferzje
-rche	resjerzje

De Nederlânske ûnbeklamme útgong **-gie** wurdt yn it Frysk stavere as:

-zjy: bygelyks: enerzjy

6. DE REGEL FAN Y EN I

Foar de stavering fan **y** en **i** yn frjemde wurden binne de wichtichste regels:

Begjin wurd: **y**: Foarbylden: ynternasjonaal, yllegaal, ymplisyt, yrreeël

Midden wurdlid: **y**: Foarbylden: fossyl, synonym, alternatyf, parasyt

Ein wurdlid: **y/i**: Hinget fan it Nederlânske wurd ôf. As der yn it Nederlânsk in **y** skreaun wurdt, skriuwt it Frysk ek in **y**, ek as dat tsjin de regel (regel: iepen wurdlid in **i**) yn is.
Foarbylden: type, synonym
As it Nederlânsk wol in **i** skriuwt docht it Frysk it ek.
Foarbylden: piramide, silinder

Ein wurd: **y**: Foarbylden: aliby, politisy
Nb. De Nederlânske útgong **-isch** wurdt yn it Frysk **-ysk.** Foarbyld: logysk

7. DE REGEL FAN EAU EN OU

De Frânske **eau** mei de útspraak **o** wurdt yn it Frysk skreaun as: **o**

De Frânske **ou** mei de útspraak **oe/û** wurdt yn it Frysk skreaun as:
- **oe**: foar r
- **û**: yn de oare gefallen

N.b. Yn it meartal krijt in frjemd wurd op 'o', lykas de wurden op 'u', 'y' en 'a': apostrof 's'.
Foarbylden:
paria - paria's
aliby - aliby's
akku - akku's
hobo - hobo's
buro - buro's
Der binne lykwols ek wurden dy't -en yn it meartal krije, bygelyks:

kopy - kopyen

8. DE REGEL FAN AI, ê, è EN EI

De Frânske lûdtekens **ai**, **ê**, **è** en **ei** útsprutsen as in ê, wurde yn it Frysk ek skreaun mei in **ê**.

- literair - literêr
- enquête - enkête
- misère - misêre
- beige - bêzje

9. DE REGEL FAN DE UTGONG -SE

De útgong **-se** yn frjemde wurden, wurdt yn it Frysk skreaun as: **-ze**.
Foarbylden: faze, punêze.

10. WURDEINEN DY'T ITSELDE BLIUWE

Wurdeinen dy't deselde stavering hâlde:

-**ot**: depot, maillot
-**oir**: trottoir, dressoir
-ois: boerzois
-os: toernedos
-ier: konferensier, atelier
-er: sûper
-et: filet
-ert: dessert, ekspert
-ort: komfort

Taheakke E

List fan wurden dêr't faak flaters mei makke wurde.

Nederlands	Frysk
een vrouw	in frou
één plus één is twee	ien plus ien is twa
in de gang	yn de gong
het huis	it hûs
waar is hij?	wêr is er?
er is iets aan de gang	der is wat te rêden
woont hij daar?	wennet er dêr?
ik ben daar geweest	ik ha(w) dêr west
's avonds ga ik om zeven uur naar bed	jûns gean ik om sân oere op bêd
's morgens word ik altijd vroeg wakker	moarns wurd ik altyd betiid wekker
's morgens zag ik Jan en 's avonds Ab	de moarns seach ik Jan en de jûns Ab
naar Parijs	nei Parys (ta)
nieuw	nij
ik naai een lapje op de broek	ik naai in lapke op de broek
een Fries spreekt meestal Fries	in Fries praat meastal Frysk
een Fries dorp	in Frysk doarp
voor mij en niet voor jou	foar my en net foar dy
met veel plezier	mei in soad wille
ga je mee?	giest mei?
vaak	faak, gauris
misschien	faaks, miskien
één schoen, twee schoenen	ien skoech, twa skuon
jammer	spitich
moeilijk	dreech, lestich, slim, yngewikkeld
iets	wat, eat, in ding
bijvoorbeeld	bygelyks
erg	1. slim 2. hiel/tige
zich	him, har, harren
hun	har(ren)
mijn/jouw vader/moeder	ús/jim heit/mem
onze (kinderen)	ús (bern)
het einde	de ein
de kin/schouder/borst/kuit	it kin/skouder/boarst/kût
zometeen	aanst, aansen, dalik(s), drekst
groter dan	grutter as

vanaf 8 jaar	fan 8 jier ôf
boven	boppe (en: nei/fan boppen)
beneden	ûnder (en: nei/fan ûnderen)
bijna	hast
toen	doe, doe't
tot	oant (soms: ta)
namelijk	nammentlik
snel	fluch, gau, hurd
veel	in soad/bulte/berch/knoarre/protte/smite/...
te/hoe/zo veel	te/hoe/sa folle
weinig	net folle, in bytsje
te weinig	te min
Fries spreken	Frysk prate
hoofdstuk	haadstik
slecht	min
welke	hokker, wat foar
steeds	hieltyd, allegeduerigen
geschiedenis	skiednis
samen	tegearre (twa minsken), meiïnoar (mear)
bezig	dwaande, oan 'e gong/slach, yn 'e skrep
volgende week/maand	nije/takom/oare wike/moanne
wie	wa
langzaam	stadich
voldoende	foldwaande
rond vijf uur	om fiif oere hinne
woordenboek	wurdboek
sleutel	kaai
vrouwen	froulju
mannen	manlju (fêst ploechje ek wol: mannen)
kleinkind	pake/beppesizzer, bernsbern
plassen	pisje
verdrietig	tryst, drôvich, mankelyk
mier	eamelder, mychhimmel, mychhammel
zonnig weer	sinneskynwaar, sierlik/moai waar
vergadering	gearkomste

Taheakke F TIIDWURDEN

1. Swakke tiidwurden op –e

Foarbylden

		notiid	doetiid	mulwurd
stappe	ik	stap-	stap-te	ik haw stap-t
	do	stap-st	stap-test	
	hy/sy/it	stap-t	stap-te	
	wy/jo/sy/jimme	stap-pe	stap-ten	
leare	ik	lear-	lear-de	ik haw lear-d
	do	lear-st	lear-dest	
	hy/sy/it	lear-t	lear-de	
	wy/jo/sy/jimme	lear-e	lear-den	

2. Swakke tiidwurden op –je

Foarbylden

		notiid	doetiid	mulwurd
wurkje	ik	wurk-je	wurk-e	ik haw wurk-e
	do	wurk-est	wurk-est	
	hy/sy/it	wurk-et	wurk-e	
	wy/jo/sy/jimme	wurk-je	wurk-en	

(útgong: -sj/zje)

wachtsje	ik	wacht-sje	wacht-e	ik haw wacht-e
	do	wacht-est	wacht-est	
	hy/sy/it	wacht-et	wacht-e	
	wy/jo/sy/jimme	wacht-sje	wacht-en	

3. Unregelmjittige tiidwurden: hawwe, wêze en wurde

hawwe	ik	ha(w)	hie	ik haw hân
	do	hast	hiest	
	hy/sy/it	hat	hie	
	wy/jo/sy/jimme	ha(wwe)	hiene(n)	
wêze	ik	bin	wie	ik haw west
	do	bist	wiest	
	hy/sy/it	is	wie	
	wy/jo/sy/jimme	binne	wiene(n)	
wurde	ik	wurd	waard	ik bin wurden
	do	wurdst	waardst	
	hy/sy/it	wurdt	waard	
	wy/jo/sy/jimme	wurde	waarden	

4. Unregelmjittige tiidwurden op –n

Dwaan	ik	doch	die	ik haw dien

jaan	ik	jou	joech	ik haw jûn
slaan	ik	slaan	sloech	ik haw slein
sjen	ik	sjoch	seach	ik haw sjoen
tsjen	ik	tsjoch	teacn	ik bine tein
gean	ik	gean	gong/gie	ik bin gongen/gien
	do/hy	giest/giet		
stean	ik	stean	stie	ik haw stien
	do/hy	stiest/stiet		

5. Unregelmjittige tiidwurden súnder –t yn ‘e notiid

Kinne	ik	kin	koe	ik haw kinnen (kind)
kenne	ik	ken	koe	ik haw kennen (kend)
meie	ik	mei	mocht	ik haw mocht
moatte	ik	moat	moast	ik haw moatten
sille	ik	sil	soe	ik haw sillen (sild)
witte	ik	wit	wist	ik haw witten
wolle	ik	wol	woe	ik haw wollen (wold)

6. Unregelmjittige tiidwurden mei lûdwiksel yn ‘e notiid

Sizze	ik	sis	sei	ik haw sein
	do	seist	seist	
	hy/sy/it	seit	sei	
	wy/jo/jimme/sy	sizze	seinen	

sa ek: lizze

meitsje	ik	meitsje	makke	ik haw makke
	do	makkest	makkest	
	hy/sy/it	makket	makke	
	wy/jo/jimme/sy	meitsje	makken	

sa ek: smeitsje, laitsje (kriget mar ien k yn no- en doetiid)

jeie	ik	jei	jage	ik haw jage
	do	jagest	jagest	
	hy/sy/it	jaget	jage	
	wy/jo/jimme/sy	jeie	jagen	

sa ek: feie, kleie

reitsje	ik	reitsje	rekke	ik haw rekke
	do	rekkest	rekkest	
	hy/sy/it	rekket	rekke	
	wy/jo/jimme/sy	reitsje	rekken	

krije	ik	krij	krige	ik haw krige(n)
	do	krigest/krijst	krigest	
	hy/sy/it	kriget/krijt	krige	
	wy/jo/jimme/sy	krije	krigen	

fleane	ik	flean	fleach	ik bin flein
	do	fljochst	fleachst	
	hy/sy/it	fljocht	fleach	
	wy/jo/jimme/sy	fleane	fleagen	

7. Oare ûnregelmjittige tiidwurden

Foarbylden

rinne	ik	rin-	rûn-	ik haw rûn
	do	rin-st	rûn-st	
	hy/sy/it	rin-t	rûn-	
	wy/jo/jimme/sy	rinn-e	rûn-en	
drinke	ik	drink-	dronk-	ik haw dronken
	do	drink-st	dronk-st	
	hy/sy/it	drink-t	dronk-	
	wy/jo/jimme/sy	drink-e	dronk-en	

Groepen

e-u-u

bergje	ik	bergje	burch	burgen
merke	ik	merk	murk	murken
erve	ik	erf	urf	urven
swerve		swerf	swurf	swurven

i-û-û

begjinne	ik	begjin	begûn	begûn
rinne	ik	rin	rûn	rûn
spinne	ik	spin	spûn	spûn
winne	ik	win	wûn	wûn
bine	ik	byn	bûn	bûn
ferdwine	ik	ferdwyn	ferdwûn	ferdwûn
fine	ik	fyn	fûn	fûn
wine	ik	wyn	wûn	wûn

ê-ie-ê/e-ie-e

stelle	ik	stel	stiel	stellen
frette	ik	fret	friet	fretten
lêze	ik	lês	lies	lêzen
genêze	ik	genês	genies	genêzen

e/i-ie-u

brekke	ik	brek	briek/bruts	brutsen
dekke	ik	dek	diek/duts	dutsen
rekke	ik	rek	riek/ruts	rutsen
sprekke	ik	sprek	spriek/spruts	sprutsen
stekke	ik	stek	stiek/stuts	stutsen
trekke	ik	trek	triek/truts	trutsen
strike	ik	stryk	striek/struts	strutsen

i (y)-ie-i/ ii-ie-i

litte	ik	lit	liet	litten
sitte	ik	sit	siet	sitten
hjitte	ik	hjit	hiet	hjitten
ite	ik	yt	iet	iten
bite	ik	byt	biet	biten
smite	ik	smyt	smiet	smiten
ferwite	ik	ferwyt	ferwiet	ferwiten
hite	ik	hyt	hiet	hiten
skite	ik	skyt	skiet	skiten
spite	ik	spyt	spiet	spiten
slite	ik	slyt	sliet	sliten
ride	ik	ryd	ried	riden
glide	ik	glyd	glied	gliden
blike	ik	blyk	bliek	bliken
stride	ik	striid	stried	striden

e-o-o

helpe	ik	help	holp	holpen
melke	ik	melk	molk	molken
treffe	ik	tref	trof	troffen
skelle	ik	skel	skold	skolden

i-o-o/a-o-o

klimme	ik	klim	klom	klommen
glimme	ik	glim	glom	glommen
swimme	ik	swim	sworn	swommen
krimpe	ik	krimp	kromp	krompen
bringe	ik	bring	brocht	brocht
minge	ik	ming	mong	mongen
springe	ik	spring	sprong	sprongen
twinge	ik	twing	twong	twongen
swinge	ik	swing	swong	swongen

swinke	ik	swink	swonk	swonken
hingje	ik	hingje	hong	hongen
tinke	ik	tink	tocht	tocht
blinke	ik	blink	blonk	blonken
drinke	ik	drink	dronk	dronken
klinke	ik	klink	klonk	klonken
sinke	ik	sink	sonk	sonken
skinke	ik	skink	skonk	skonken
winke	ik	wink	wonk	wonken
skrikke	ik	skrik	skrok	skrokken
fange	ik	fang	fong	fongen
waskje	ik	waskje	wosk	wosken

jo-o-o

fjochtsje	ik	fjochtsje	focht	fochten
stjonke	ik	stjonk	stonk	stonken
sjonge	ik	sjong	song	songen

oare tiidwurden mei -o- o

flechtsje	ik	flechtsje	flocht	flochten
keapje	ik	keapje	kocht	kocht
sykje	ik	sykje	socht	socht

ie-ea-ea

biede	ik	bied	bea	bean
siede	ik	sied	sea	sean
kieze	ik	kies	keas	keazen

ie-ea-e/ji-ea-e

frieze	ik	fries	frear	ferzen
ferlieze	ik	ferlies	ferlear	ferlern
ferjitte	ik	ferjit	fergeat	fergetten
jitte	ik	jit	geat	getten
sjitte	ik	sjit	skeat	sketten
mjitte	ik	mjit	meat	metten

oare tiidwurden mei ea yn 'e doetiid

slute	ik	slút	sleat	sletten
bidde	ik	bid	bea	bean

iu-eau-eau

bliuwe	ik	bliuw	bleau	bleaun
driuwe	ik	driuw	dreau	dreaun
skriuwe	ik	skriuw	skreau	skreaun
priuwe	ik	priuw	preau	preaun
triuwe	ik	triuw	treau	treaun
wiuwe	ik	wiuw	weau	weaun/wiuwd
wriuwe	ik	wriuw	wreau	wreaun
riuwe	ik	riuw	reau	reaun

je-oa-oa/ie-oa-oa

bedjerre	ik	bedjer	bedoar	bedoarn
stjerre	ik	stjer	stoar	stoarn
genietsje	ik	genietsje	genoat	genoaten

(wurde ek swak ferbûgd)/ û-oe-u

rûke	ik	rûk	roek	rûkt
dûke	ik	dûk	doek	dûkt
krûpe	ik	krûp	kroep	krûpt/krûpen
slûpe	ik	slûp	sloep	slûpt/slûpen
glûpe	ik	glûp	gloep	glûpt/glûpen
lûke	ik	lûk	loek/luts	lutsen

a/aa-oe-oe/ea-oe-oe

drage	ik	draach	droech	droegen
grave	ik	graaf	groef	groeven
waakse	ik	waaks	woeks	woeksen
weagje	ik	weagje	woech	woegen

oare tiidwurden mei oe yn 'e doetiid

falle	ik	fal	foel	fallen
farre	ik	far	foer	fearn
skeppe	ik	skep	skoep	skepen

losse gefallen

komme	ik	kom	kaam	kommen
nimme	ik	nim	naam	nommen
hâlde	ik	hâld	hold	holden
roppe	ik	rop	rôp	roppen

Tiidwurden dy't yn 't Frysk swak binne en yn 't Nederlânsk ûnregelmjittich

wize	wiisde	wiisd	wijzen	wees	gewezen
priizgje	priizge	priizge	prijzen	prees	geprezen
mije	mijde	mijd	mijden	meed	gemeden
stige	stiigde	stiigd	stijgen	steeg	gestegen
bûge	bûgde	bûgd	buigen	boog	gebogen
sûge	sûgde	sûgd	zuigen	zoog	gezogen
snuve	snúfde	snúfd	snuiven	snoof	gesnoven
drippe	dripte	dript	druipen	droop	gedropen
fluitsje	fluite	fluite	fluiten	floot	gefloten
spuitsje	spuite	spuite	spuiten	spoot	gespoten
lige	liigde	liigd	liegen	loog	gebogen

Tiidwurdn dy't yn 't Frysk ûnregelmjittich binne en yn 't Nederlânsk swak

winke	wonk	wonken	wenken	wenkte	gewenkt
minge	mong	mongen	mengen	mengde	gemengd
merke	murk	murken	merken	merkte	gemerkt

TAHEAKKE G: LIST FAN TAALKUNDIGE BEGRIPEN

Frysk	Nederlânsk
besitlik foarnamwurd	bezittelijk voornaamwoord
betreklik foarnamwurd	betrekkelijk voornaamwoord
bylûd	medeklinker
bynwurd	voegwoord
bysin	bijzin
bywurd	bijwoord
brekking	klankverandering bij een tweeklank waarbij het accent van de eerste naar de tweede klank verspringt
bûging	verbuiging
doetiid	verleden tijd
eigenskipswurd	bijvoegelijk naamwoord
fergrutsjende trep	vergrotende trap
ferhâldingswurd	voorzetsel
ferlytsingswurd	verkleinwoord
freegjend foarnamwurd	vragend voornaamwoord
haadwurd	zelfstandig naamwoord
helptiidwurd	hulpwerkwoord
ienlûd	éénklank
inkeltal	enkelvoud
lidwurd	lidwoord
lûd	klinker
meartal	meervoud
mulwurd	deelwoord
nammefoarm	infinitief
nasalearring	nasalering
noaslûd	neusklank
notiid	tegenwoordige tijd
oanwizend foarnamwurd	aanwijzend voornaamwoord
oertreffende trep	overtreffende trap
ôfslutend mulwurd	voltooid deelwoord
persoanlik foarnamwurd	persoonlijk voornaamwoord
persoansfoarm	persoonsvorm
stellende trep	stellende trap
telwurd	telwurd
tiidwurd	werkwoord
treppen fan ferliking	trappen van vergelijking
trijelûd	drieklank
twalûd	tweeklank
ûnbepaald foarnamwurd	onbepaald voornaamwoord
ûnbepaald telwurd	onbepaald telwoord
wurdlid	lettergreep